

# Taljochting

I	<i>De oarders</i>	848
II	<i>De opbou fan de oarders</i>	850
III	<i>De tsjinst troch</i>	859
IV	<i>Lêstroasters</i>	901
V	<i>Liturgysk jier</i>	906
VI	<i>Liturgyske taal</i>	930
VII	<i>Riten en symboalen</i>	933
VIII	<i>It tsjerkegebou</i>	937
IX	<i>Mei de bern</i>	944
X	<i>De gemeente fiert</i>	946

## I - De oarders

Yn dizze oanset ta it Tsjinstboek steane fjouwer oarders foar de earetsjinst fan 'e gemeente op 'e dei fan de Hear en oare feest- en tinkdagen.

- Oarder I, de hillige Skrift en it Miel fan de Hear
- Oarder II, de hillige Skrift, gebeden en jeften
- Oarder III, de leartsjinst
- Oarder IV, de gearkomste fan de hús gemeente

### *Oarder I, de hillige Skrift en it Miel fan de Hear*

De sneintemoarnsjinst bestiet út twa dielen, dy't fan it begjin ôf oan sadanich mei-inoar ferbûn rekke binne, dat se ien earetsjinst foarmje. It foarste diel, de tsjinst fan de hillige Skrift, giet werom op in type tsjinst dêr't de ferkundiging en de kategeze sintraal yn steane. Under mear yn it evangeelje fan Lukas wurdt dy synagogale foarm fan earetsjinst ûndersteld (Lukas 4:14-30). Troch de ieuwen hinne hat de 'Skrifftsjinst' as in selsstannige foarm, dy't op alle dagen fan 'e wike hâlden wurde kin, bestien. Op 'e dei fan de Hear rekket de ferkundiging fan de hillige Skrift nau ferbûn mei de fiering fan it Miel fan de Hear. De ienheid fan Skrift en Miel wurdt byldzjend beskreaun yn it ferhaal fan de Emmaüs gongers (Lukas 24:13-35). Yn 'e Hannelingen fan de Apostels wurdt it ûnderrjocht en 'it brekken fan it brea' ek yn ien sike neamd (Hannelingen 2:42). En op 'e earste dei fan 'e wike komt de gemeente yn Troäs byinoar om it brea te brekken, dêr't Paulus in taspraak by hâldt (Hannelingen 20:7). Nei't yn 'e rin fan 'e ieuwen de klam op it Miel kommen wie te lizzen, waard yn 'e tiid fan 'e Reformaasje op 'e nij de klam lein op 'e ferkundiging fan 'e Skriften yn 'e earetsjinst op snein, mar ek op gewoane dagen. Lykwols is yn de lutherske en grifformearde tradysje de klam op de ferbûnens fan Skrift en Miel as karakteristyk foar de hilliging fan 'e dei fan de Hear lizzen bleaun.

De earste oarder jout oan hoe't dy ferbûnens fan beide dielen fan 'e tsjinst stal krijt, likegoed yn in mear oekumenysk oriïntearre as yn in grifformearde tradysje. De foarmen fan earetsjinst binne yn beide tradysjes fasetten

fan deselde yntinsje: de fiering en de hilliging fan 'e dei fan de Hear.

Om dy reden wurde de mooglike farianten yn ien oarder oanjûn. It Tsjinstboek folget sadwaande de ûntjouwings yn resinte tsjinstboeken fan tsjerken fan lutherske, grifformearde en presbyteriale sinjatuer yn Europa en Noard-Amearika.

#### *Oarder II, de hillige Skrift, gebeden en jeften*

Yn 'e tradysje fan de Reformaasje wurdt oer it generaal net alle sneinen de Tafel fan de Hear oanrjochte. Yn 'e sneinstsjinsten leit de klam op it ûnderrjochtsjen en preekjen út 'e hillige Skrift. It ferbân mei en it ferwizen nei it Miel fan de Hear wurdt ûndersteld by it ynsammeljen fan 'e diakonale jeften en it Gebed fan de Hear (as Nachtmielsgebed by útstek). Yn 'e tanksizzing dy't yn in Skrifttsjinst oan de foarbea foarôf giet, binne deselde eleminten te finen as yn 'e grutte tanksizzing (de prefaasje) dêr't it tafelgebed by it Miel fan de Hear mei begjint. Tusken Oarder I en Oarder II is yn begjinsel gjin ferskil, mar fanwegen de praktyske brûkerens binne se as selsstannige Oarders oanjûn.

#### *Oarder III, de leartsjinst*

Yn 'e leartsjinst wurdt in ferbining lein tusken earetsjinst en kategeze. Al yn foar-reformatoaryske tiden hienen dy tsjinsten in eigen plak yn it libben fan 'e gemeente. It ûnderrjochtsjen út 'e hillige Skrift kin yn 'e leartsjinst barre oan 'e hân fan de ûnderskate kategismussen. Oare gesachhawwende geskriften út 'e tradysje fan 'e tsjerke kinne ek as paadwizer tsjinje. De oardering fan dy tsjinsten is ienfâldich: hja folgje de primêre trijeslach dy't alle earetsjinsten merktekenet: *lêzing*, *oertinking* en *gebed*. Hoe't dat konkreet ynfolle wurdt, kin fariearje. Njonken de preek kinne ûnderskate foarmen fan taeigening benutte wurde. Dêrby kin tocht wurde oan petear, bibliodrama, muzyk, dûns en oare foarmen fan ekspresje.

#### *Oarder IV, de gearkomste fan de húsgemeente*

Party gemeenten wurde foarme troch it yn 'e mande gean fan in stikmannich lytse kearnen. It is dan net altyd mooglik om alle sneinen in tsjerketsjinst te hâlden dêr't in predikant yn foargiet. Bytiden wurdt ek mei opsetsin keazen foar

in fiering dêr't de ûnderlinge bemoediging sintraal yn stiet. De tsjerke praat dan fan in hûsgemeente. De oarder foar de gearkomste fan de hûsgemeente freget net om de amtlike oanwêzigens fan in predikant, wol stiet de tsjerkeried noed foar dy gearkomsten. Dat komt ta utering mei't op syn minst ien tsjerkeriedslid (mei) lieding jout oan 'e fiering. Om't dy fieringen yn it foarste plak ûnderlinge gearkomsten fan gemeenteleden binne, ferwize dy nei it fieren fan it deistich gebed. Dêr binne alle gemeenteleden ek roppen om, as it nedich is, foargonger te wêzen. Yn 'e oarder foar de gearkomste fan de hûsgemeente wurdt dêrom ûndersteld dat alle dielnimmers yn prinsipe in oandiel hawwe kinne yn 'e lieding fan de fiering.

De eleminten foar de oarder binne foar it grutste part ûntliend oan de oarders foar it deistich gebed. De oarder giet neffens it deistich gebed in eigen wei, om't net it psalmgebed sintraal stiet, mar de omgong mei de hillige Skrift yn lêzing en oertinking. Dêrnjonken binne, lykas dat yn alle earetsjinsten it gefal is, de lofsang en it gebed de wichtichste ûnderdielen fan dy fiering op sneintemoarn.

## II - De opbou fan oarders

Yn 'e sneintemoarnstsjinst stiet de ferkundiging fan de hillige Skrift, al of net ferbûn mei it Miel fan de Hear, sintraal. Gebeden en lieten liede de tsjinst yn en beslute dy.

De opbou fan 'e tsjinst tekenet de wei dy't de gemeente yn 'e earetsjinst giet:

- Foarôfgeande oan 'e tsjinst steane persoanlike gebeden foar hûs en tsjerke en konsistoarjegebeden oanjûn. Se slane op de *opgong* nei it hûs fan de Hear.
- Yn de *yntree* komt de gemeente foar it antlit fan de Hear. Gebeden fan neierkommen en skuldbelidenis, yntreeliet, begroeting en lofprizing fan de Hear, ferbûn mei it roppen om ûntferming oer de need fan 'e wrâld, binne mooglike stappen op 'e wei fan de yntree. Men kin ek in oar spoar lâns de tsjinst yngean, nammentlik troch in feroatmoediging, folge fan de Tsiën Wurden as teken dat God Him yn syn ferbûn genedich nei ús takeart. De

kearn fan 'e yntree is: it gebed fan 'e snein of it gebed om ferljochting mei de hillige Geast.

- De *lêzing en ferkundiging fan de hillige Skrift* krijt stal yn it lêzen fan en it harkjen nei de bibel, it sjongen fan psalmen en gesangen en it preekjen. De ferkundiging wurdt befestige yn it bidden fan de belidenis fan it leauwe of it sjongen fan in liet fan leauwe.
- Yn 'e *foarbea* komt de gemeente op foar de wrâld fier en hein. De foarbea kin yn nauwe oansluting by de Skrift-útlis oan it ynsammeljen en it partsjen fan 'e jeften foarôfgean. Hy kin ek opnommen wurde yn it gehiel fan de gebeden oan tafel. It ynsammeljen fan 'e diakonale *jeften* is anneks mei it reemeitsjen fan 'e tafel en ferwiist dêrnei, ek as dy net reemakke wurdt. As it Miel fan de Hear fierd wurdt, kinne oan it ynsammeljen fan 'e jeften en it reemeitsjen fan 'e tafel in talieding en noeging foarôfgean.
- It *Miel fan de Hear* yn ingere sin begjint mei it tafelgebed. De merktekens fan dat gebed binne it earjen fan de Heit, it tinken oan de Soan, it bidden om de hillige Geast, de mienskip fan 'e hilligen en it ferwachtsjen fan it himelsk keninkryk. Yn 'e grifformearde tradysje binne ûnderwizing en gebed mei-inoar ferbûn. Yn 'e mienskip fan brea en wyn oefenet de gemeente mienskip en it fermoedsoenjen mei har Hear en mei inoar, middenmank de wrâld dêr't hja diel fan útmakket.
- *Utstjoeren* en *segen* sette de gemeente op it spoar fan de Messias yn tsjerke en wrâld en bemoedigje har ta tsjûgenis en tsjinst.

It tal fêste eleminten is beheind hâlden, dêrfoaroer wurde in soad fariaasjemooglikheden bean, om de ôfwikseling en de eigen kreativiteit te befoarderjen. De fakultative rubriken binne *skean* printe. Yn it folgjende haadstik wurde de oarders sadanich ferklearre en taljochte, dat it mooglik wurdt om sels eleminten fan 'e tsjinst stal te jaan en liturgyske teksten te formulearjen. Ommers, as de sin en it karakter fan elk ûnderdiel dúdlik binne, sille ek oare (of nije) teksten sinfol funksjonearje kinne yn it grûnpatroan dat hjir sketst wurdt. Yn skema brocht ûntstiet it folgjende byld:

## I De hillige Skrift en it Miel fan de Hear

fêste eleminten

*fariabele eleminten*

---

OPGONG

*gebeden thús / yn tsjerke  
klokke-let  
foaroefening  
konsistoarjegebed  
(oargel)muzyk  
ynliedend wurd  
kearsen oanstekke  
stilte*

YNTREE – A

bemoediging

*(apostoalyske) groet*

psalm / yntreeliet  
hjiirre of foar de  
groet / bemoediging  
kyrie

*gebed fan neierkommen*

*gloria  
gebedsgroet*

gebed fan 'e snein of  
gebed om ferljochting mei  
de hillige Geast

YNTREE – B

*(apostoalyske) groet*

bemoediging  
psalm / yntreeliet  
hjiirre of foar de  
groet / bemoediging

*feroatmoediging  
Tsien Wurden*

gebed fan 'e snein of  
gebed om ferljochting mei  
de hillige Geast

DE HILLIGE SKRIFT

ien of mear lêzings  
(mei lieten)  
út de hillige Skrift

*lêzing út it Alde Testamint  
psalm  
lêzing út de brieven  
halleluja-fers of psalm of liet  
lêzing út it evangeelje  
akklamaasje*

preek

*belidenis fan it leauwe / liet*

IT MIEL FAN DE HEAR – A

foarbea

hjiirre of nei de bea oer de jeften

*noeging  
fredegroet  
liet / muzyk  
bea oer de jeften*

ynsammeljen fan 'e jeften

(foarbea)

tafelgebed

*sanctus / benedictus*

Us Heit

mienskip fan brea

en wyn

gebed nei it Miel

*fredegroet  
agnus Dei  
liet en/of muzyk*

IT MIEL FAN DE HEAR – B

noeging en ûnderwizing

ynsammeljen fan 'e jeften

ynsettingswurden

gebeden

Us Heit

mienskip fan brea en wyn

gebed nei it Miel

*liet*

UTSTJOEREN EN SEGEN

útstjoeren

segen

*liet*

*liet*

## II De hillige Skrift, gebeden en jeften of jeften en gebeden

fêste eleminten

*fariabele eleminten*

---

OPGONG

*gebeden thús / yn tsjerke  
klokke-let  
foaroefening  
konsistoarjegebed  
(oargel)muzyk  
ynliedend wurd  
kearsen oanstekke  
stilte*

YNTREE – A

bemoediging

*(apostoalyske) groet*

psalm / yntreeliet  
hjiere of nei de  
groet / bemoediging  
kyrie

*gebed fan neierkommen*

*gloria  
gebedsgroet*

gebed fan 'e snein of  
gebed om ferljochting mei  
de hillige Geast

YNTREE – B

bemoediging  
psalm / yntreeliet  
hjiere of nei de  
groet / bemoediging

*(apostoalyske) groet*

*feroatmoediging  
Tsien Wurden*

gebed fan 'e snein of  
gebed om ferljochting mei  
de hillige Geast



DE HILLIGE SKRIFT  
ien of mear lêzings  
(mei lieten) út de  
hillige Skrift

*lêzing út it Alde Testamint  
psalm  
lêzing út de brieven  
halleluja-fers of psalm of liet  
lêzing út it evangelje  
akklamaasje*

preek

*belidenis van it leauwe / liet*

GEBEDEN EN JEFTEEN – A  
tanksizzing  
foarbea  
Us Heit  
ynsammeljen fan 'e jefte

*liet / muzyk  
gebed oer de jefte of  
eingebed*

*of*

JEFTEEN EN GEBEDEN – B  
ynsammeljen fan 'e jefte

*liet / muzyk  
gebed oer de jefte*

tanksizzing  
foarbea  
Us Heit

UTSTJOEREN EN SEGEN

*liet*

útstjoeren  
segn

*liet*

### III Oarder foar in leartsjinst

fêste eleminten

*fariabele eleminten*

---

*gebeden thús / yn tsjerke  
klokke-let  
foar oefening  
(oargel)muzyk  
konsistoarjegebed  
ynliedend wurd  
kearsen oanstekke  
stilte*

IEPENING

groet  
bemoediging  
psalm of yntreeliet  
gebed om ferljochting mei  
de hillige Geast of iepeningsgebed

DE HILLIGE SKRIFT

lêzing út de hillige Skrift  
liet

*lêzing út 'e kategismus of  
in oar geskrift út 'e tradysje  
liet*

preek  
apostoalyske belidenis  
fan it leauwe of liet

GEBEDEN

lofprizing  
foar bea  
Us Heit

*of*

Us Heit  
foar bea  
lofprizing

*ynsammeljen fan 'e jeften*

UTSTJOEREN EN SEGEN

*liet*

útstjoeren

segen

*liet*

## IV Oarder foar in gearkomste fan de húsgemeente

### IEPENING

iepeningsfers

liet

gebed

### DE HILLIGE SKRIFT

ien of mear lêzings (mei lieten)

út de hillige Skrift

### GEBEDEN

tanksizzing

foarbea

Us Heit

liet (kin ek nei de segenbea songen wurde)

segenbea

### III - De tsjinst troch

#### OPGONG

##### **Persoanlike tarieding**

De gearkomste fan 'e gemeente begjint eins thús al. It is in beweging fan bûten nei binnen en wer fan binnen nei bûten. Tsjerke en wrâld binne ferbûn yn de freugden en de soargen dy't de gearkomste fan 'e gemeente mei yndroegen wurde, en yn de útstjoering en segen dy't mei nei bûten geane. De gemeenteleden riede har ta. Ien fan 'e foarmen fan tarieding is it gebed.

##### *skaaaimerken fan it gebed*

- dit gebed helpt jin om it hert te iepenjen en jin te rjochtsjen op de oanwêzigens fan God; it set jin yn 'e romte fan 'e tsjintwurdichheid fan God;
- it helpt jin om stil te wurden en rêst te finen, it makket jin bewust fan it eigen libben en bringt ta konsintraasje, oandacht;
- it bringt jin de (feest)dei fan de Heare yn it sin en noaget út om op te gean nei it hûs fan God; sadwaande foeget men jin yn 'e romte fan 'e tsjerke yn 'e himel en op 'e ierde, de gemeente fan Kristus en de mienskip fan 'e hilligen;
- it ferdjippet de eigen ferantwurdlikheid foar en de tawijng oan de tsjinst, de pleatslike tsjerkemienskip en it wolwêzen fan oaren.

##### *tekstfoarbyld*

Jo dy't God binne,  
boarne fan myn libben -  
dit is de dei  
dy't Jo makke hawwe  
as in ljocht foar alle dagen.  
Lit my opgean nei jo hûs  
en meitsje my ien  
mei allegearre dy't jo namme besjonge  
en har oefenje wolle yn jo tsjinst  
ta eare fan Jo  
en ta heil fan dizze wrâld.

Om 'e wille fan jo Soan,  
dy't ferriisd is,  
Jezus Kristus.  
Amen.

### **Klokkelet**

Yn 'e measte gemeenten wurde foar de tsjinst – al neffens pleatslike wizânsje – ien of mear kearen de klokken let. It jout it iepenbiere karakter fan 'e earetsjinst fan 'e tsjerke oan. Guon tsjerken ha mear as ien klok. Dat makket it mooglik om by it lieden ûnderskie te meitsjen tusken de tsjinsten, bygelyks feesten of 'gewoane' sneinen, gebedstsjinsten en rou- en troutsjinsten.

### **Untfangst**

De tsjerkegongers wurde ûntfongen troch de koster en/of in kommisje fan ûntfangst. Dat binne tsjerkerieds- en gemeentelieden dy't de fêste tsjerkegongers en gasten ferwolkomje en paadwiis meitsje.

### **Foaroefening**

Foar de tsjinst kinne lieten ynstudearre wurde. As der gjin ûnbekende lieten songen wurde, jout sa'n foaroefening de gemeente de mooglikheid om 'yn te sjongen'.

### **(Oargel)muzyk**

It is wizânsje wurden dat de oargelist foar it begjin fan 'e tsjinst spilet. Fan âlds wie it de bedoeling dat de gemeente har ûnder dat oargelspyljen konsintrearje koe om har yn 'e stilte fan it eigen hert ta te rieden op 'e tsjinst. Om de klam te lizzen op dy funksje fan muzyk hat in tal gemeenten it oargelspyljen in eigen plak jûn tusken wolkom, foaroefening en it eigentlike begjin fan 'e tsjinst. Meast stiet dan op 'e oarder fan tsjinst oanjûn wat de oargelist spylje sil. Yn 'e foaroefening kin dat, as it moat, taljochte wurde. Op dy wize wurdt de konkurrinsje mijd dy't soms bestiet tusken it oargelspyljen en it – oars likegoed nedige – petear fan gemeentelieden ûnderinoar. Fansels kinne neist en yn 't plak fan it oargel oare ynstruminten bespile wurde.

## **Kearsen**

De peaskekears is yn 'e tsjerke it symboal fan Kristus, dy't himsels it ljocht fan 'e wrâld neamt. De peaskekears baarnt al ear't de tsjerkegongers de tsjerke ynkomme, as teken dat Kristus de Gasthear is. Hy ferwolkommet syn gemeente. Oan dy kears kinne oan it begjin fan 'e tsjinst de kearsen op de nachtmielstafel oanstutsen wurde, soms ek by de lesener as it plak fan 'e ferkundiging. Dat bart yn stilte of mei in liet of spreuk. In oare mooglikheid is dat de kearsen ûnder de earste psalm of it iepeningsliet oanstutsen wurde. Bern litte har dêr graach by ynskeakelje.

## **Konsistoarjegebed en hândruk**

It konsistoarjegebed wurdt steande bidden troch de âlderling fan tsjinst, it leafst yn it bywêzen fan alle gearre dy't direkt yn de tsjinst behelle binne. Te tinken falt oan de predikant, diaken, âlderling, koster, lektor, kantor(ij) en oargelist, lieding bernetsjerke, bern dy't de kearsen oanstekke, kollektanten, en as it sa útkomt doopâlders en dooptsjûgen, harren dy't belidenis dogge, ensafuorthinne.

It gebed begjint mei de oprop: 'Lit ús bidde...' en in koarte stilte.

### *tekstfoarbyld*

Hear, ús God,

Jo tankje wy

dat Jo ús op dizze dei / *feestdei*

nei jo hûs roppen hawwe.

As jo gemeente binne wy byinoar kommen

– de iene mei blydskip, de oare mei fertriet –

om nei jo stim te harkjen.

Lis alle oare stimmen yn ús it swijen op

en lit jo wurd it allinne foar 't sizzen hawwe.

Jou dêrta dy't ús foargeane

jo hillige Geast,

dy't herten en mûlen iepenet,

dat wy ús ferienje mei jo hiele tsjerke,

ta eare fan jo namme

en ta opbou fan 'e gemeente

fan Jezus Kristus, ús Hear.

a. Amen.

Nei it gebed kin de âlderling sizze: 'Lit ús gean yn frede', wat de oaren beântwurdzje mei: 'Yn 'e namme fan Kristus. Amen'. It is wichtich dat de sfear fan it gebed bliuwt oant yn 'e tsjinst.

#### *skaaimerken fan it gebed*

- it gebed bringt de tanksizzing foar dizze snein/feestdei as earste dei, de Opstanningsdei, ûnder wurden;
- tagelyk is it in tanksizzing foar it byinoar brocht wurden;
- it neamt de hiele gemeente, benammen dejingen dy't hoe dan ek, net komme koenen;
- it gebed ferienet ús mei de hiele tsjerke, yn 'e himel en op 'e ierde;
- it gebed betinkt elkenien dy't yn dizze tsjinst yn it bysûnder ta in taak roppen is.

De hândruk fan 'e âlderling foar yn 'e tsjerke is in sichtber teken dêr't de foargonger him/har mei befestige wit yn syn/har tsjinstwurk. Dêr hoecht neat by sein te wurden. As der dochs ferlet is fan wurden, dan binne in ienfâldich 'Gods frede/seggen mei jo' en in 'Amen' genôch.

#### **Ynliedend wurd**

As ynlieding op 'e tsjinst kin de gemeente wolkom hjitten wurde troch de âlderling fan tsjinst. Yn it wolkom kin in ynliedend wurd oer it eigene fan de tsjinst útsprutsen wurde en wurde, as it nedich is, meidielings dien oangeande it libben fan 'e gemeente.

#### **YNTREE**

De tsjinst begjint mei it votum (tawijing) en/of de bemoediging en it gebed fan neierkommen. Dy hearre earder by it part fan 'e gemeente yn 'e liturgy as by dat fan de foargonger. It hat dêrom eigenskip dat it begjin fan 'e tsjinst laat wurdt troch in tsjerkerieds- of gemeentelid. De begroeting fan 'e gemeente troch de foargonger is dan op syn plak by it gebed fan 'e snein of it gebed om ferljochting mei de hillige Geast. Der binne ferskate mooglikheden om it begjin fan 'e tsjinst foarm te jaan. Hielyd stiet sintraal dat it de Hear is dy't de gemeente byinoar ropt.



## **Tawijing**

Yn de lutherske tradysje is it wizânsje om te begjinnen mei de tawijingswurden:

Yn 'e namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast.  
Dy tawijing kin mei in koarte oanhef sa ynset wurde:  
Wy binne byinoar kommen  
yn 'e namme fan de Heit en de Soan en de hillige Geast.

## **Groet**

Wannear't de tsjinst fan it begjin ôf laat wurdt troch de predikant, begroetet dy de gemeente mei de apostoalske groet.

Genede en frede mei jimme jûn wurde fan God ús Heit en fan de Hear Jezus Kristus

B.g. Rom 1:7; 1 Kor 1:13

En sa't yn it deistich libben in groet wiksele wurdt, seit it himsels dat ek yn 'e earetsjinst de groet net fan ien kant komt. De gemeente antwurdet dan ek mei in ienfâldige akklamaasje: Amen.

Yn 'e oarders wurde in pear farianten foar de groet oanjûn.

## **Bemoediging**

By it begjin fan 'e tsjinst klinkt de bemoediging út Psalm 124:

Us Helper is de HEARE,  
dy't himel en ierde makke hat.

Dat psalmfragmint kin útwreide wurde mei Psalm 146:6 en 138: 8:

dy't trou bliuwt oant yn ivichheid  
en it wurk fan syn hannen net farre lit.

## **Gebed fan neierkommen**

De bemoediging is nau ferbûn mei it gebed fan neierkommen. Dat is in gebed dat de gemeente bidt no't hja foar Gods antlit ferskynt. Blydskip, wifeling en skuld wurde dêryn ûnder wurden brocht. Yn 'e lêste desennia ha sawol de grifformearde as de lutherske tsjinstboeken in foarm foar in gebed (fan wjerskanten) om ferjouwing fan skuld en bytiden ek genedeferkundiging ynfierd. Se woenen dêrmei in reformatoarysk gebrûk weromhelje. It hat lykwols bliken dien dat it alle wiken brûken fan sokke grutte wurden – en

grif oan it begjin fan in tsjinst – syn beswier hat. It beliden fan skuld en it krijen fan frijspraak fine alderearst plak yn it pastoraat. Dochs is it goed om dit amerij fan ynkear mei klam ûnder wurden te bringen. It kommen foar God freget om earbied en leafdefolle tagedienens en it ropt dy gemoedsbewegings tagelyk ek op.

### *skaaimerken fan it gebed*

- it gebed set ús iepen foar it besef dat wy ferskine foar Gods antlit. Yn syn ljocht ûntdekke wy wa't wy binne;
- as leden fan 'e gemeente fan Kristus keare wy ús nei inoar ta, hawwe wy each foar inoar;
- wy meitsje ús lyts, komme ta ynsjoch en erkenne foar God en inoar ús tekoarten en wifelingen, ús skuld en sûnden;
- dit gebed jout romte, dat elk foar oar it in eigen ynhâld jaan kin. In amerij fan stilte is oan te rieden (oanjûn mei: ... *gebedsstilte*...);
- it is it earste gebed mei en troch de hiele gemeente yn 'e tsjinst;
- it set ús yn it ferbân fan Gods hiele tsjerke, yn 'e himel en op 'e ierde;
- it gebed einiget mei in bea om fersoening, ferjouwing en fernijd libben;
- it gebed kin de foarm ha fan in twaspraak dêr't in tsjerkierieds- of gemeentelid yn foar giet.

### *tekstfoarbyld*

Hear, ús God,  
wat binne wy sûnder Jo?  
Us geast hat jo ljocht nedich,  
ús wil jo krêft,  
ús siel jo frede.

- a. Nimme Jo ús libben yn jo hân  
en suverje ús fan ûngerjochtichheid.  
...*gebedsstilte*...  
Fernij ús nei it byld fan Jezus Kristus,
- a. dat wy wierliken jo bern wêze meie  
en Jo leafhawwe en tsjinje meie  
mei al ús krêften.  
Amen.

## Yntreeliet

De yntree yn 'e tsjinst wurdt oanjûn troch in liet. Sjongend giet de gemeente op nei it hûs fan de HEARE. Dy 'opgeande' gemeente fynt harsels werom yn 'e psalmen, dêr't Israel mei foar it antlit fan de HEARE komt. Psalmen 'fan de opgong' kinne wêze: psalm 15, 24, 43, 84, 100 en 121-134. Yn dy yntreelieten leit de klam op it opgean. Dêrnjonken bestiet it gebrûk om it karakter fan de sneinen en feestdagen fan it tsjerklik jier útkomme te litten troch in spesifike psalm (mei antifoan), dy't foar dy dei as yntreeliet oanjûn stiet.

Wol de gemeente de klam lizze op it sjongend opgean, dan kin it yntreeliet foarôfgean oan (groet,) bemoediging en gebed fan neierkommen. De measte tsjerkegebouwen jouwe net genôch romte om mei de hiele gemeente sjongend op te gean nei it plak dêr't de Skriften iepene wurde en de tafel reemakke wurdt. Dan kin de gemeente ynstee dêrfan steande sjonge, wylst elkenien dy't yn 'e tsjinst in funksje hat, ek sjongend syn plak ynnimt.

Yn prosesje de tsjinst yngean, kin in ekstra diminsje krije as de hillige Skrift, dêr't de ferkundiging út klinke sil, omheechhâlden en sa meidroegen wurdt: it libbene Wurd wol dêr oanwêzich wêze, dêr't de gemeente yn Jezus' namme gearkommen is.

As de yntreepsalm mei bybehearrende antifoan troch kantorij en gemeente ûnberime yn wikselsang songen wurdt, wurdt de psalm besletten mei de lofprizing:

- a. Eare oan de Heit en de Soan en de hillige Geast,  
lykas yn it oanbegjin, no en jimmer  
en fan ivichheid oant ivichheid. Amen.

De toansetting dêrfan slút oan by de psalm. In selsstannige toansetting is te finen yn 'e Liturgyske sangen (14).

## Kyrie en Gloria

Yn suver alle tsjerken fan East en West folget nei it yntreeliet in tal oare songen gebeden. Dy ha it karakter fan in ferhearliking fan 'e Trije-iene God. It smeejend roppen fan it Kyrie en de lofprizing fan it Gloria steane yn 'e selde spanning dy't wy yn safolle psalmen fine, bygelyks yn Psalm 22 en 77 en, noch sprekender, yn Psalm 66:17: 'Amper hie ik de mûle opdien, of ik moast Him al loovje'. Yn it evangeelje

is it de blineman oan 'e wei, dy't Jezus, as Er opgiet nei Jeruzalem, huldiget as Hear troch Him om ûntferming te smeejen (Markus 10:47-48 en parallele plakken).

De âldste foarm fan it Kyrie-roppen is it litany-gebed: in rige koarte oanroppings, dêr't Kristus yn huldige wurdt as dejinge dy't Him ûntfermet oer de Skepping dy't 'yn 'e fleagen leit om te bernjen' (Rom 8:22). Yn 'e Kyrie-litany komt de gemeente fan Kristus plakferfangend fanwegen foar de hiele wrâld, yn waans midden hja roppen is om syn lichem te wêzen. Neffens har aard sille de yntinsjes op dat plak oan it begjin fan 'e tsjinst koart en bûnich wêze: in needgjalp. De yntinsjes hawwe in algemien karakter, dat wol sizze: universeel sûnder oantsjutting fan lân of plak lykas yn 'e foarbea. Tagelyk binne se ek persoanlik. Ofhinklik fan 'e tiid fan it tsjerklik jier en de aard fan 'e situaasje rinne de bewurdigen en muzikale uteringsfoarmen útien. De ferbylding, byg. mei help fan beweging of dûns, kin yn in Kyrie en Gloria ek in wichtige rol spylje.

#### *skaaimerken fan 'e Kyrie-litany*

- it Kyrie is in oprop ta Kristus, ús Hear;
- it hâldt in koarte en bûnige rop om ûntferming yn, in needgjalp: 'Hear, ûntfermje Jo!';
- it gebed earet Kristus as Untfermer, as de Kening dy't yntocht hâldt;
- de Kyrie-litany kin stim jaan oan 'e rop om ûntferming út 'e wrâld wei (*yntinsje*);
- de yntinsjes kinne in algemien (wrâldomfiemjend) en dochs bysûnder (út 'e pleatslike gemeente wei) karakter hawwe;
- sfear en muzikale uteringsfoarm kinne al nei de tiid fan it tsjerklik jier ferskille;
- in songen Kyrie hat de foarkar;
- gearfetsjend is de struktuer fan it Kyrie-gebed:
  - Wy roppe ta Jo ...(dy't)... *it oanroppen*
  - om 'e wille fan ... *yntinsje*
  - a. Hear, ûntfermje Jo! *gebed*
- de foargonger jout lieding oan it gebed fan 'e gemeente, byg. by iepening en ôfsluting;
- de yntinsjes kinne troch diakens en oare gemeenteliden útsprutsen wurde;

- it Kyrie wurdt ornaris, as stim en tsjinstim, folge troch de ingelesang, de ynset fan it Gloria.

*tekstfoarbyld:*

Hear, Jo dy't ús taflecht binne,  
om 'e wille fan...  
ûntfermje Jo oer ús!

- a. Hear, ûntfermje Jo oer ús!

Kristus, Jo dy't de dea ferdien hawwe,  
om 'e wille fan...  
ûntfermje Jo oer ús!

- a. Hear, ûntfermje Jo oer ús!

Hear, Jo dy't yn jo goedens ús it paad wize,  
om 'e wille fan...  
ûntfermje Jo oer ús!

- a. Hear, ûntfermje Jo oer ús!

Mei it Kyrie-roppen is de lofsang 'Gloria' ferbûn rekke. It is oarspronklik in moarnshymne dy't fuortkommen is út Lukas 2:14. Nei de ynset komt in brede lofprizing fan de Heit en de Soan. It twadde part is in smeejken ta de Soan: 'O Hear, Laam fan God, ûntfermje Jo oer ús'. Sa komt dizze hymne oer as in grutte lofsang, dy't opkomt út 'e rop om ûntferming en sels ek wer dy rop yn him opnimt. De hymne wurdt besletten mei in lofprizing, dêr't de hillige Geast ek yn behelle wurdt. Yn 'e tiden fan tarieding (advint en fjirtichdagentiid), dy't mear it karakter fan boete en ynkear ha, lit men it Gloria wei, om de lofsang dêrnei mei de feesten fan Krysttyd en Peaske ynmoediger yn te setten. Mar yn dy tariedingstiden falt de lofsang ek net wei: oanienwei klinkt de doksology fan it Us Heit en it Sanctus (Hillich) yn 'e nachtmielesfiering. Allinne de spanningsbôge tusken roppen en lofsjongen is dan wat langer. Yn tsjinsten sûnder feestlik karakter op dagen yn 'e wike bliuwt it Gloria út.

### **De Tsien Wurden**

De tsjinst kin ek oars ynsette: nei yntreepsalm en feroatmoediging klinke de Tsien Wurden as proklamaasje fan it Keninkryk fan God. Se wurde ferbûn mei in ynlieding en akklamaasje dy't ûnderskate aksinten lizze, al nei de

toan dy't de gemeente oanheffe wol: oanroppend, bid-  
dend, smeejkend of lofpriizgjend. Yn it earste gefal wit  
de gemeente dy't foar Gods antlit komt, hoe tige hja it  
ha moat fan Gods genede as hja syn Wurden heart. Yn it  
twadde gefal is de gemeente dy't Gods Wurden heart, bliid  
fanwegen it útsjoch dat har jûn wurdt troch de ferwachting  
fan it himelsk Keninkryk: 'De HEARE God is sa goed, dat Er ús  
út it slavehûs fan 'e sûnde en de dea befrijd hat. No hoege  
wy tenei ek net mear bang te wêzen foar oare goaden. No  
meie wy syn Namme belide. No meie wy elke sânde (earste)  
dei gearkomme om Him te loovjen. No hoege wy net mear  
te deadzjen en te stellen, no binne wy ferlost fan 'e drift fan  
'e begearten. Loovje de HEARE, want Hy is goed!'

*tekstfoarbyld as lofsizzing:*

*oanhef troch de foargonger:*

Ivich, HEARE, is jo wurd,

it stiet yn 'e himel fêst.

Fan âlder op âlder bliuwt jo trou,

want Jo sprekke ta ús:

(Ps. 119:89,90)

*akklamaasje fan 'e gemeente nei elk gebod:*

Te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

*nei de lêste akklamaasje beslút de foargonger:*

Ivich, HEARE, is jo wurd,

fan âlder op âlder bliuwt jo trou.

De akklamaasjes fan 'e gemeente kinne sein of songen  
wurde. Dat jildt ek foar de ynlieding op 'e Tsiën Wurden.  
Der is neat op tsjin om de tekst fan 'e Tsiën Wurden te sjon-  
gen. In toansetting sil it proklamearjend karakter derfan  
fuortsterkje. By de foardracht fan 'e tekst wurdt útgien fan  
ferskillende rollen: foargonger (oanhef en beslút), lêzer/lek-  
tor (Tsiën Wurden) en allegearre (akklamaasjes).

### **Gebed fan 'e dei of**

#### **it gebed om ferljochting mei de hillige Geast**

Nei alle tarieding klinkt no it 'tariedingsgebed' by útstek,  
dat de herten fan 'e gemeente rjochtet op de moeting mei  
God yn 'e ferkundiging fan 'e Skriften, de fiering fan it  
Miel fan de Hear en in libben yn 'e ferwachting fan it Ryk

fan God dat komt. Dêrom kin foar wa't it ienfâldich hâlde wolle, in tsjinst nei de bemoediging en it iepeningsliet ek fuortynienen mei dat gebed begjinne.

It wêzentlike karakter fan dat gebed docht út twa dingen bliken: it wurdt foarôfgien troch in gebedsgroet fan preker en gemeente oer en wer, en it hat wat men neamt in 'betinkende' opbou.

*groet*

- f. De Hear wês mei jim.
- a. De Hear wês ek mei jo.

of:

- f. De Hear sil by jim wêze.
- a. De Hear sil jo bewarje.

De oarsprong fan dy groet leit yn 'e wenstige âldtestaminyske begroetingsfoarmen (Ruth 2:4, Luk 1:28). Yn 'e earetsjinst hat de groet benammen de funksje krige fan in oprop om omtinken, wannear't foargonger en gemeente biddend oergeane ta de 'kearnmominten' fan 'e tsjinst. Dat binne yn alle gefallen de ferkundiging fan 'e Skriften, de ynset fan 'e fiering fan it Miel en de betsjinning fan 'e Doop.

Dat dy groet mei it gebed ferbûn is, docht ek bliken út 'e oprop dy't fuortdalik op 'e groet oanslút:

f. Lit ús bidde:

Op dy oprop folget in gebedsstilte dêr't de gemeente God yn moetet.

It *gebed fan 'e dei* is gjin selsstannich gebed, mar it beslút de (stille) beaen fan 'e gemeente en fettet dy gear. Sa funksjonearret dit gebed as ôfsluting fan it gebed fan neierkommen, it yntreeliet, de huldigingsrop en de lofprizing. It leit de klam op 'e inerlike ienheid fan dy gebedsmominten. Tagelyk liedt it gebed fan 'e dei nei de lêzingen fan dy dei.

Beskiedend foar it karakter fan it gebed fan 'e dei, is, sa't sein is, it 'betinkend' karakter derfan. Dat docht bliken út 'e opbou fan it gebed, dat oan 'e Joadske tradysje ûntliend is.

It gebed is grûndearre op it betinken fan Gods heilsdieden, dêr't Hy libben yn skept en syn ferbûn mei ûnderhâldt. It docht in berop op de grutte dieden dy't God dien hat en dwaan sil, as in ynspirearjende krêft foar it hjoed en de takomst fan 'e gemeente.

### *skaaimerken fan it gebed*

Yn syn meast folsleine foarm bestiet it gebed fan 'e dei út seis eleminten:

- 1 it oanroppen, ienfâldichwei *God of Heare*, gauris oanfolle mei ien of mear eigenskiptswurden (*almachtich, ivich, barmhertich, trou*);
- 2 in betinkende tafoeging, bygelyks: *dy't op dizze dei de herten fan jo leauwigen ûnderwiisd hawwe troch de ferljochting mei de hillige Geast...* (Pinkster). Dêrmei wurdt in berop dien op in tasizzing dy't wierheid wurden is, te fergelykjen mei de betinking by it Nachtmiel;
- 3 in bea foar de hiele mienskip fan leauwigen, somtiden oantsjut mei *ús*, en gauris mei de wurden dy't oanjouwe dat it giet om de hiele tsjerke (*jo tsjerke, jo folk, jo hûsgesin, jo leauwigen*);
- 4 it doel: *dat*, bygelyks: *dat wy troch syn kommen Jo mei in suver hert tsjinje kinne...* (twadde snein fan Advint);
- 5 de ôfsluting mei in berop op Jezus Kristus:

*Troch ús Hear Jezus Kristus, jo Soan.*

of in bredere ôfsluting dêr't it berop op Jezus Kristus yn ferbûn wurdt mei in lofprizing fan syn takomst yn ivichheid, dy't besletten leit yn de Trijefâldichheid fan God:

*Troch ús Hear Jezus Kristus, jo Soan,  
dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast  
libbet en regearret yn alle ivichheid.*

As oan 'e ein fan it gebed de Soan neamd wurdt:

*dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast  
libbet en regearret yn alle ivichheid.*

- 6 akklamaasje troch de gemeente:  
*Amen.*

De eleminten 1, 3, 5 en 6 komme yn elk sneinsgebed foar, 2 of 4 binne net altyd oanwêzich.



tekstfoarbyld (Peaske)

O God, oanrop  
op dizze dei betinking  
hawwe Jo foar ús de tagong iepene  
nei it wiere libben:  
oerwûn is de dea  
troch jo iennichstberne Soan.  
No't wy bliid en woltemoed syn opstanning fiere, bea  
freegje wy Jo: wol ús sa fernije  
troch de Geast fan jo Soan,  
dat wy by ljocht en tsjuster doel  
mei oerjefte Jo earje en tsjinje kinne.  
Troch ús Hear, Jezus Kristus, jo Soan ôfsluting  
dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast  
libbet en regearret yn alle ivichheid.  
**Amen.** akklamaasje

De gebeden dy't opnommen binne yn It Tiideigene, binne keazen by de earste twa lêstroasters dy't diel útmeitsje fan dizze Oanset ta de Earetsjinst: it 'Luthers Lectionarium' en it 'Gemeenschappelijk Lectionarium' (sjoch de folgjende paragraaf). By it 'Gemeenschappelijk Lectionarium' is alderearst in gebed opnommen mei it each op alle trije jierren fan it lêstroaster. Dy rige is in bewurking fan 'e hân fan Willem van der Zee fan 'e oarspronklike Latynske ferzy. De twadde rige is fan Henk Jongerius, yn gearwurking mei Nico Vlaming: iepenings- en eingebeden by de jierren A, B en C. It iepeningsgebed is benammen ynspirearre troch de lêzing út it Alde Testamint, it eingebed troch de evangeeljelêzing.

Ynstee fan it gebed fan 'e dei kin ek in *gebed om ferljochting mei de hillige Geast* sein wurde. Yn 'e reformatoaryske tradysje komt dat gebed yn it plak fan it gebed fan 'e snein. Uteraard hat it bidden om ferljochting mei de hillige Geast te krijen mei it sintrale plak fan 'e ferkundiging yn 'e earetsjinst. Dit gebed is in bysûnder oanroppen fan de hillige Geast (epikleze) dat grif op syn plak is as de gebedsgroet mei de betsjutting dy't er bedoelt te hawwen op dit plak fersfalt. Yn 'e reformatoaryske tsjerken bûten Nederlân en yn 'e Anglikaanske tsjerken fine wy sawol yn âldere as nijere tsjinstboeken sneinsgebeden dy't mei klam ek in epikleze befetsje.

It gebed om ferljochting mei de hillige Geast wurdt ferstien as in gebed om de iepening fan 'e Skriften. It hat skaaimerken dy't ek by de ynfolling fan it gebed fan 'e snein in rol spylje kinne:

*skaaimerken fan it gebed*

- it gebed is rjochte ta God dy't syn Geast jûn hat;
- it freget om iepening fan 'e herten fan 'e leauwigen hjoed;
- it freget om de komst fan en de ferljochting fan ús ferstân troch de hillige Geast,
- dat de gemeente en elke leauwige Gods Wurd hearre en dwaan mei (fruchten fan 'e Geast).
- It kin gearfetsjend foarútrinne op lêzings en preek;
- it is in omskriuwing of útwurking fan Ps. 43:3: 'Stjoer dochs jo ljocht en jo trou, dat dy my liede, dat dy my bringe nei jo hillige berch'.
- In groet en in gebedsoprop troch de preker kinne oan dit gebed foarôfgean
  - f. De Hear is mei jimme.
  - a. Syn Geast is yn ús fermidden.
  - f. Lit ús bidde...

*tekstfoarbyld*

Hear, ús God,  
Jo dy't ús op dizze dei byinoar bringe  
om nei jo Wurd te harkjen  
en Jo mei hert en mûle te oanbidden,  
wy bidde Jo:  
kom mei jo Geast yn ús fermidden  
en segenje elkenien dy't Jo ferwachtet;  
meitsje ús frijmoedich  
om Jo en ús neiste  
mei in fleurich hert te tsjinjen.  
Sa bidde wy Jo  
troch Jezus Kristus, ús Hear.

- a. Amen.

### De Skrift sprutsen en songen

De oardering fan 'e hillige Skrift hat har eigen struktuer. Dy komt ûnder mear út yn de kar en de gearhing fan de lêzings. Yn 'e lêstroasters dy't hjoed de dei yn 'e katolike en reformatoaryske tsjerken foar de sneinsfiering yn gebrûk binne, wurdt rekkenskip jûn fan dy fûnemintele gearhing yn 'e hillige Skrift.

By de kar fan de skriftlêzings en de (skrift)lieten moat it neikommende betocht wurde:

- De struktuer fan 'e Skriften is it útgongspunt; sadwaande sille lêzings en lieten echt mei-inoar gearhingje.
- Om't yn de earetsjinst neat 'moat', is it net goed en lis jin foarút fêst op in skema dêr't altyd en ûnder alle omstannichheden fan elk type lêzings ien foarkomme moat. Ynstee fan twongen ferbannen te lizzen, kin better de oanwêzige gearhing sels dúdlik meitsje, oft foar rang jûn wurde moat oan bygelyks in Toralêzing boppe in profetelêzing, oan in apostoalysk geskrift boppe in evangeeljelêzing, of dat dy faaks allegearre stim krije.
- De psalmen en bibelske kantiken (en guon 'skriftgesangen' of 'bibellieten') binne út soarte de oanwiisde lieten om de lêzings te ferbinen. Yn de twa earste leksjonaria bestiet in dúdlike, inerlike gearhing tusken psalm en earste lêzing. De antwurdspsalm makket dan ek struktureel diel út fan 'e tsjinst fan de Skrift. Mei de lêzings foarmje dy lieten de 'betsjinning fan it Wurd' troch de gemeente sels. Lieten dy't in beskate tematyk of in bibelpart mear útwurkje of 'nei-fertelle' passe better op in letter momint yn 'e tsjinst, bygelyks nei de preek of de gebeden.
- Elke lêzing kin ôfsletten wurde mei in akklamaasje. Bygelyks: 'Sa seit de Hear'; de gemeente antwurdet dan mei: 'Wy tankje God.'
- Yn de lutherske en katolike tradysje is it *halleluja* (-liet of -fers) in fêst ûnderdiel fan de opgong nei it evangeelje dêr't, neffens it leauwe fan de tsjerke, Kristus sels ús yn tasprekt. Yn It Tiideigene binne de halleluja-fersen opnommen (sjoch ek Liturgyske sangen 56). Dy binne foar in part by de spesifike tiden fan it tsjerklik jier

keazen, foar in oar part foar algemien gebrûk. Dy lieten of fersen kinne ek brûkt wurde as akklamaasje om it gehiel fan 'e lêzings ôf te sluten. Yn de lutherske tradysje is de akklamaasje by de ôfsluting fan it evangelje:

a. Oan Jo de lof, o Heare.

of:

f. Hear, Jo hawwe wurden fan ivich libben.

a. Wy tankje Jo.

- Yn de reformatoaryske en katolike tsjerken yn Nederlân is it wizânsje wurden om it gehiel fan de lêzings te besluten mei in akklamaasje:

a. Jo komt de lof ta,

Jo it gesang, Jo alle gloarje,

O Heit, o Soan, o hillige Geast,

yn alle ivichheid.

Fan de akklamaasje nei de lêzings is in tal farianten te finen yn de Liturgyske sangen.

De lêstroasters wurde behannele yn it haadstik 'It liturgysk jier' (side 901).

### **Preek**

Yn de preek wurde wurden útsprutsen, dy't yn tsjinst steane fan it Wurd fan God. De preek is as taspraak, oertinking, útlis en ferkundiging in ûnderdiel fan it grutte gehiel fan 'e tsjerketsjinst. Neist it gebed is de hiele earetsjinst ek preek, want yn alles wat sein, songen en dien wurdt, bart de ferkundiging fan Gods Wurd. En elke preek is earst en benammen in liturgyske hanneling.

De sprutsen wurden yn de ferkundiging fan 'e Skriften binne, lykas de dielde jeften by it Miel fan de Hear, om sa te sizzen fol fan de skeppende krêft fan Gods bywêzichheid. Wa't dy wurden ûntfangt, ûntfangt wat dêrmei oantsjut wurdt. Yn dy wurden wol God syn gemeente moetsje. It hiele libben hat dêrmei te krijen. De bibel lit sjen hoe't minsken yn har omstannichheden God moete hawwe en fan dy moeting ferslach dien hawwe yn de oerlevere bibelteksten. Elke preker stiet foar de fraach, hoe't de gods-

moeting fan dêr en doe in godsmoeting wurde kin fan hjir en no. De bibeltekst is dêrby it moetiingsplak. God sprekt minsken oan en minsken fan hjir en no sykje God yn 'e skiednis. De preek stiet yn tsjinst fan dat godlik sprekken en minsklik sykjen.

### **Belidenis fan it leauwe**

De belidenis fan it leauwe is in antwurd op de ferkundiging fan de Skrift. It credo ('Wy leauwe') seit net wat leaud wurde moat, mar op wa't de gemeente har betrouwen stelt. De belidenis fan it leauwe heart hielendal yn 'e mûle fan 'e gemeente. In songen belidenis hat dêrom de pree. Dan wurdt dy sels in lofsang, in akklamaasje op 'e ferkundiging fan de Skriften.

Suver alle grutte kristlike tradysjes brûke de belidenis fan it leauwe fan Nicea-Konstantinopel yn 'e tsjinst fan de Skrift en it Miel fan de Hear. In beriming is te finen yn it Lieteboek foar de Tsjerken, Gesang 331. Toansettingen fan dat credo binne yn 'e Liturgyske sangen opnommen. De grifformearde tradysje keas foar de koartere Apostoalyske Belidenis. Yn de sneintemiddeis/jûnstsjinsten kaam de Apostoalyske Belidenis op it plak dêr't yn 'e moarnstsjinst de Tsiën Wurden lêzen waarden. Beide belidenissen fan it leauwe kinne dus in plak fine nei de preek yn 'e tsjinst fan de Skrift en it Miel fan de Hear. De foarkar giet lykwols út nei de Belidenis fan Nicea-Konstantinopel. Dy hat in mear hymnysk karakter, wylst de Apostoalyske har plak yn 'e earetsjinst benammen fûn hat by de betsjinning fan 'e doop en de belidenis fan it leauwe en yn it dêrby hearrende ûnderrjocht (ynklusyf de 'leartsjinsten').

It leauwen en fertrouwen kin lykwols, sa't earder sein is, likegoed yn oare lieten útsprutsen wurde. De lieteboeken jouwe dêr rju mooglikheden ta. Sprutsen, alternative 'belidenissen fan it leauwe' moatte yn alle gefallen hymnysk wêze en de mooglikheid jaan om mienskiplik sein te wurden.

Behalven by de yntree fan 'e tsjinst kinne de *Tsiën Wurden* ek op it plak fan it credo in goede funksje ha. Se freegje dan wol om mear belidende, lofpriizgjende wurden. De styl is

hji earder befestigjend. De gemeente stimt yn mei it ferbûn dat God mei syn folk slute wol. Der kin ek tocht wurde oan in parafraze fan de Tsien Wurden.

## GEBEDEN EN JEFTEN OF JEFTEN EN GEBEDEN

### Tankgebed

#### (nei de ferkundiging, útrinnend op de foarbea)

Yn de grifformearde tradysje en ek yn tsjinsten dêr't de Tafel fan de Hear net reemakke wurdt, begjinne de gebeden mei in tanksizzing.

#### *skaaimerken fan it gebed*

- yn it gebed tankje wy de Hear foar it presint stellen en it ûntfangen fan it bliid boadskip, dat ús hjoed skonken wurdt;
- it tankgebed sljochtet it paad foar de foarbea; it kin de sfear ha fan in prefaasje;
- tankjen is in foarm fan loovjen, earjen, segenjen, priizgjen;
- de struktuer fan it tankgebed kin wêze:
  - tank foar de jefte fan Gods Wurd;
  - bea om de trochwurking fan it Wurd yn it libben fan de gemeente en fan elk gemeentelid;
  - mooglik in oergong nei de foarbea;

#### *Tekstfoarbyld*

Hear, ús God,  
Jo tankje wy  
om Jezus Kristus, jo Soan  
yn Wa't Jo ús de rêdende hân tastekke.  
As wy bang binne,  
as wy flechtsje,  
as wy ûndergeane, -  
Jo binne der.

Dêrom bidde wy Jo:  
jou jo tsjerke de moed fan Jona  
om skuld te bekennen  
as se har foar har ropping weiwynt,

as fanwegen har skynhilligens  
de wrâld better út is sûnder har.

Fernij jo tsjerke, o God,  
en jou har it leauwe  
en it fertrouwen fan Petrus  
om jo Soan te folgjen.

Sa bidde wy mei-inoar:

- a. Hear, ûntfermje Jo.

basearre op Jona 1 en Mattéus 14:22-33

## Foarbea

De foarbea fan 'e gemeente foarmet de oergong tusken de tsjinst fan de Skrift en it Miel fan de Hear. De apostel Paulus ropt de gemeente al op om te bidden foar alle minsken, foar keningen en alle gearre dy't in hege posysje hawwe, *dat wy in stil en rêstich libben hawwe meie yn klearre godsfreze en earberens* (1 Tim 2:1-2). De foarbea, it 'gebed foar alle need fan de kristenheid' (grifformearde tradysje) of it 'algemiene tsjerkegebed' (lutherske tradysje) hat, lykas de diakonale jeften, te krijen mei it libben fan 'e gemeente en de tsjinst fan 'e tsjerke en har leden yn 'e wrâld. De foarbea oriïntearret him oan it Gebed fan de Hear: Kristus bidt foar syn hiele tsjerke. It Gebed fan de Hear kin ek de opbou fan 'e gebedsyntinsjes yn 'e foarbea rjochting jaan. Yn de foarbea binne apostolaat, diakonaat, pastoraat en earetsjinst tige mei-inoar ferbûn.

De gemeente moat har goed beriede op 'e yntinsjes yn de foarbea. It berie yn 'e gemeente (tsjerkerie, wurkgroepen, pastoraat) kin helpe om systematysk nei te tinken oer de tsjinst fan 'e gebeden. De Wrâldrie fan Tsjerken jout it foarbyld troch it útjaan fan in gebedskalinder dêr't alle lannen en alle tsjerken mei namme en tanamme yn oan 'e oarder komme. Yn elke gemeente kin in 'gebedskalinder' foarm en stal jaan oan de strukturele ferbining fan liturgy mei it deistich libben fan 'e gemeente. Gebedsyntinsjes dy't troch ûnderskate groepen yn 'e gemeente frege wurde, befoarderje de ienheid fan 'e gemeente as gebedsmienskip.

It is sadwaande it bêste en lit de foarbea hieltyd foarôfgean troch in koart berjocht dêr't de gebedsyntinsjes op oanslute

kinne. Dêr sil benammen romte yn wêze moatte foar de persoanlike berjochten: wa sille trouwe, wa binne stoarn, wa freegje foarbea.

De foarbea hat in iepen karakter en jout net oan, oan hokker kant de foarbidder yn in teologyske of maatskiplike diskusje stiet. Dat betsjut net dat de foarbea dizzenich of abstrakt bliuwe moat. De tsjerken ha op in tal punten in kar makke. Dy mei ek yn de foarbea dúdlik nei foaren komme. Datselde jildt foar de fragen dêr't de tsjerken yn dizze tiid foar set wurde. Foarop stiet lykwols dat elk de romte kriget om op syn of har wize yn it gebed fan de gemeente mei te dwaan. Yn de foarbea moat ek net oanjûn wurde hokker oplossing de Hear foar ús fragen kieze sil.

Ut soarte hat de foarbea ferlet fan aktueel taalgebrûk. De foarbylden dy't jûn binne, binne inkeld bedoeld as help en stipe om eigen wurden te kiezen. Se kinne it skoan ferneare dat ien inkelde sin de oanlieding is ta in eigen foarbea.

Der moat benammen tocht wurde oan hoe't de foarbea ûnder wurden brocht wurdt. In dúdlike struktuer yn de ûnderskate ûnderdielen fan de foarbea makket it meibidden fan de gemeente mooglik.

Der binne fjouwer foarmen fan foarbea te ûnderskieden. Yn it foarste plak de foarm dy't yn 'e grifformearde tradysje it meast bekend is: in rige direkte gebeden sûnder ûnderbrekking. It is it saneamde 'tsjerkegebed', útsprutsen troch de foargonger:

#### *tekstfoarbyld*

Wy bidde Jo, Almachtige Heit,  
wês ús helper en beskermer,  
rêd dy't ferhûddûke wurde  
ûntfermje Jo oer lytse lju,  
help oerein wa't fallen binne,  
toan Josels oan harren dy't yn noed sitte,  
meitsje siken better,  
bring werom wa't fan jo folk ôfdwaald binne,  
jou brea oan wa't honger hawwe



frijheid oan wa't finzen sitte,  
krêft oan swakken,  
treast oan wa't gjin moed mear hawwe  
en jou dat alle folken erkenne  
dat Jo allinne God binne,  
dat Jezus Kristus jo Soan is,  
en dat wy allegearre jo bern binne.

a. Amen.

In oare foarm is dy fan 'e litany:

- de foargonger ropt op ta gebed;
- dêrnei bringe diakens en/of oare gemeenteleden in rige yntinsjes ûnder wurden;
- dy wurde hieltyd besletten mei in akklamaasje troch de gemeente (sprutsen of songen): 'Hear, ús Hear, wy bidde Jo, ferhear ús', of: 'Hear, ûntfermje Jo', of in oare akklamaasje;
- de foargonger slút de gebeden ôf;
- de gemeente stimt yn mei de akklamaasje 'Amen'.

*tekstfoarbyld*

f. Lit ús bidde ta God...

d. Foar de hiele wrâld:  
foar al ús meiminsken,  
foar alle folken op ierde,  
foar harren dy't ús regearje,  
foar de frede tusken de folken,  
foar ús lân  
en it plak dêr't wy wenje.  
Dêrom bidde wy:

a. Stjoer jo Geast, Hear, meitsje ús nij.

... (*oare yntinsjes*)

f. Hear, ús God,  
mei fertrouwen rjochtsje wy al ús gebeden ta Jo,  
Jo dy't ús mear jaan sille  
as wy bidde of betinke,  
oan Jo de lof  
hjoed en alle dagen

oant yn jo keninkryk.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

a. Amen.

In mear útwurke foarm fan de foarbea kenne wy út de gebeden dy't yn 'e tsjinstboeken foar Goedfreed steane. It is ien fan de âldste en meast fûnemintele foarmen fan foarbea yn 'e earetsjinst:

- in diaken of gemeentelid *ropt op ta gebed* (yntinsje), dêr't mei safolle wurden by sein wurdt wêrom en wêrta gebed frege wurdt;
- der is *stilte* foar persoanlike foarbea;
- de beaen fan allegearre wurde gearfette yn in '*collecta'-gebed* troch de foargonger,
- dêr't allegearre yn meistimme mei de *akklamaasje* 'Amen'.

*tekstfoarbyld*

d. Lit ús bidde foar de tsjerke,  
it lichem fan Kristus,  
ferspraat oer de hiele wrâld:  
om stânfêstens yn it leauwe,  
om frede en ienriedigens.  
Lit ús de Hear bidde:

... *gebedsstilte* ...

f. God, ús Heit,  
yn Jezus Kristus ha Jo jo minskeleafde  
iepenbiere foar alle folken.  
Lit jo tsjerke in plak fan frede wêze,  
in thús foar mannichien.  
Lit jo tsjerke sa rûnom op 'e ierde  
fêst stean yn it leauwe  
en yn it beliden fan jo namme.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

a. Amen.

It is ek mooglik om op it plak fan de foarbea in saneamd 'frij gebed' te bidden. It is in gebed mei romte foar it trochwurkjen fan de Geast yn 'e herten fan wa't nei it evangeelje harke hawwe.

It hat dêrby alle skaaimerken dy't oan 'e oarder kamen by

tanksizzing en foarbea. Yn it frije gebed giet de foargonger de gemeente ek foar en draacht har nedem op oan God. Benammen de gebedsstyl fan de psalmen is gaadlik foar it frije gebed.

As lêste kinne de foarbeaen ek yn wikselsang tusken foargonger-/sjonger, kantorij en gemeente songen wurde. Foarbylden dêrfan steane yn 'e Liturgyske sangen.

#### *skaaimerken fan 'e foarbea*

- oriïntaasje foar de foarbea is it Gebed fan de Hear: 'Kristus bidt foar syn hiele tsjerke';
- de foarbea is in gebed fan de mienskip fan leauwigen, in mienskiplik gebed;
- wêr't it op oan komt:
  - de tsjerke(-mienskip) en har tsjanners,
  - de wrâld(-mienskip) en dejingen dy't oer ús steld binne,
  - de (persoanlike) need en dea yn it libben (minskendy't spesjaal oan Gods hoede opdroegen wurde);
- it is in gebed foar allegearre dy't op Gods help en bystân oanwiisd binne;
- de yntinsjes omfiemje mear as de lokale tsjerkemienskip; se kinne ûnder mear yngean op aktuele tema's en fragen;
- de beaen kinne in litany-karakter drage;
- de diaken(s) is (binne) de foarbidder(s) by útstek yn 'de tsjinst fan de gebeden', oare gemeenteleden kinne dêr ek by ynskeakele wurde;
- yn 'e foarbeaen kin romte wêze foar in persoanlik stil gebed, 'foar alles wat it herte ferblidet en benearet...'.

#### *skaaimerken fan de akklamaasjes by de foarbea:*

- de akklamaasjes moatte echte, hertstochtlike útroppen wêze;
- se moatte yn ien sike sein of songen wurde kinne.

#### *Ofsluting fan de foarbea*

As it Miel fan de Hear net fierd wurdt, wurdt de foarbea ôfsletten mei it Gebed fan de Hear. Lykas sein, is dat de oriïntaasje fan alle gebeden. Mear yn it bysûnder is it Gebed

fan de Hear it gebed dêr't de mienskip fan brea en wyn mei ynset. It ferwiist dus yn tsjinsten dêr't de Tafel net yn reemakke is, ek nei it fieren dêrfan.

Wurdt it Miel al fierd, dan slút de foargonger nei it stille gebed de gebeden ôf.

### *tekstfoarbyld*

Nim ús yn genede oan,  
rêd en behâld ús,  
want inkeld Jo,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
komt eare, lof en oanbidding ta  
altyd en fan ivichheid oant ivichheid.

a. Amen.

Underweis fan de Skrift nei de Tafel kin de folchoarder wêze: *gebeden - jeften* of oarsom.

### **Noeging en fredegroet**

Neffens reformatoaryske wizânsje wurdt de gemeente útnoege om oan it Miel fan de Hear diel te nimmen. Utnoege binne allegearre dy't doopt binne en dy't yn harren tsjerkemienskip dielnimme meie oan it Miel fan de Hear. De noeging kin ek in mear taliedend en ûnderjochtsjend karakter hawwe, dêr't de klam lein wurdt op de ynsetting fan it Nachtmiel (sjoch Miel fan de Hear - B). Ta de noeging hearre ek de persoanlike en mienskiplike *tarieding*. Gemeenten dy't it Miel fan de Hear fjouwer kear yn it jier fiere, sille bytiden neffens grifformearde wizânsje ferlet hawwe fan in mear brede, learende en biddende talieding. De tarieding giet oer de tucht fan it leauwe en de tsjinst fan de fermoedsoening, lykas dy yn it fieren fan it Miel fan de Hear as in genedejeftte oan de gemeente taparte wurdt.

De noeging kin besletten wurde mei de *fredegroet*. Al sûnt de alderâldste tradysjes is it wizânsje en begroetsje inoar oan it begjin fan de tafeltsjinst, fuortdaalk foar it ynsammeljen en oandragen fan de jeften. It 'Frede jimme' docht tinken oan de fredegroet dy't Jezus útsprekt nei syn ferrizenis (Joh 20:19-21). Al hawwe wy Him ek ferlitten en ferleagene, Hy jout syn frede en bringt God en ús byinoar.

Letter is de fredegroet ferpleatst en fuortdaalks ferbûn mei it brekken en dielen fan brea en wyn. Hy folget dan op it Gebed fan de Hear, dêr't wy yn bidde dat wy inoar ferjouwe. De fredegroet op dat plak is tige anneks mei it 'Laam fan God', it gesang dêr't yn oantsjut wurdt dat it brutsen lichem fan Kristus en syn fergetten bloed ús de frede oanbringe.

As de fredegroet lykwols ferbûn wurdt mei de noeging, foarôfgeande oan it ynsammeljen fan de jeften, kinne it tafelgebed en de mienskip fan brea en wyn better as ien gehiel fan bidden en hanneljen belibbe wurde. Wêr't ek foar keazen wurdt, yn de fredegroet wurdt de frede fan Kristus, dêr't ús ferstân net by kin, mei-inoar dield. Yn dy ferbûnens wurde wy noege en geane wy op nei de Tafel fan de Hear (Mt 5:23-24).

### **It ynsammeljen fan en it gebed oer de jeften**

Yn 'e earste kristengemeenten waarden itensguod en oare jeften nei it plak fan gearkommen brocht, dêr't it mei-inoar iten tagelyk de diakonale soarch konkreet makke. Fan dy jeften waard brea en wyn apart hâlden foar it fieren fan it Miel fan de Hear. Hjoed de dei sammelje wy jild yn, dat by de fiering fan it Miel fan de Hear mei it brea en de wyn as offerjeften nei de Tafel brocht wurdt. Dat offer fan 'e gemeente (Rom 12:1) hâldt op 'en djipsten ferbân mei it offer fan Kristus, dat wy yn it Miel betinke. Sa drage de jeften (en de bybehearrende gebeden) harres ta oan it reemeitsjen fan de Tafel. Brea en wyn waarden neffens de tsjerkfaar Irenaeus oandroegen *as de earstelingen fan de skepping*, de skepping dêr't God syn Keninkryk fan meitsje wol. Dêrom mei it oandragen en oannimmen fan de jeften fan de gemeente by it fieren fan it Miel fan de Hear útdruklik stal krije. As derby bidden wurdt, dan jout 1 Kroniken 29:14 de toan oan:

*Want fan Jo komt it allegearre  
en út jo eigen hân hawwe wy it Jo jûn.*

### *skaaimerken fan it gebed*

- it gebed oer de jeften sprekt de tankberens út foar alles wat wy fan God krije, it wurk fan syn hannen ('de dingen hjir op ierde komme út Jo hân ús ta');
- ús libben, it wurk fan ús hannen, ús fermogen en moog-

- likheden bringe wy foar God, mei de bea om ús dêrmei oan te nimmen en dy jeften tsjinstber te meitsjen oan syn keninkryk;
- it gebed helpt ús om de ‘dingen’ as jeften, en ús libben yn in oar perspektyf te sjen;
  - de bea oer de jeften ferbynt (brea en wyn mei) ús jeften (en) mei al ús gebeden;
  - de struktuer fan it gebed mei of sûnder Miel fan de Hear bliuwt gelyk, al is it mooglik en ferlis de klam;
  - it kin ôfstimd wêze op 'e tiid fan it liturgysk jier.

*tekstfoarbyld*

Heech te priizgjen binne Jo, God,  
 Skepper fan alles wat libbet.  
 Ut jo mylde hân  
 hawwe wy jeften krigen.  
 Oan Jo drage wy op  
 de fruchten fan 'e ierde,  
 brea en wyn,  
 it wurk fan ús hannen.  
 Meitsje dat it foar ús  
 en foar allegearre  
 spize en drank wurdt  
 op wei nei jo keninkryk,  
 foar no en altyd.

a. Amen.

IT MIEL FAN DE HEAR

De gebeden en de jeften binne de ynlieding op it Miel fan de Hear. Yn 'e brieven fan Paulus is dat de oantsjutting foar it miel dat Jezus Kristus ynset hat, dêr't Hy ta noeget en dêr't Hy Himsels yn jout oan wa't sines binne. It is it miel dat de dei fan de Heare hilliget en dat de gemeente fiert om syn dea en opstanning te ferkundigjen 'oant Hy komt'.

It Miel fan de Hear wurdt merktekene troch it tankjend betinken, dêr't de Skriften ús aloan ta oantrúnje en dêr't de synagoge de tsjerke yn foargiet. Gods heilsdieden steane sintraal. Tankjend betinke wol sizze dat de grutte dieden fan God yn skepping, fermoedsoening en ferlossing útroppen wurde foar Gods antlit – dieden dy't wier wurden

binne mei't Hy syn Soan stjoerd hat: *Syn dea betinke wy, syn opstanning belide wy, syn takomst ferwachtsje wy. Maranata!*

Tanksizzing en lofprizing, 'eucharisty' yn 'e wurden fan Paulus, beskiede dus it karakter fan it Miel fan de Hear. Wy brekke en diele ûnder tanksizzing. Essinsjeel foar it tafelgebed by it fieren fan it Miel fan de Hear binne de eleminten dy't yn it rapport oer Doop, Eucharisty en Amt fan de Wrâldrie fan Tsjerken (it 'Lima-rapport') neamd wurde. Dat betsjut dat it tafelgebed:

- trinitarysk beskaat is (it tanksizzen oan de Heit, it betinken fan Kristus en it oanroppen fan de Geast);
- it hat in doksologyske sfear (tanksizzing en lofprizing);
- it hat in konsiliêre draachwiidte (mienskip fan de hilligen, dy't libbenen en ferstoarnen omfiemet, yn krityske solidariteit en mei pastoraal-diakonaal omtinken);
- it hat in eskatologysk perspektyf (it miel fan it Keninkryk, rjochte op Gods takomst).

It tafelgebed is dêrom net los te tinken fan in útdruklike ferwizing nei brea en wyn as jeften fan de Hear. It hat each foar Gods skeppend omgean mei de ierde en mei wa't dêr op wenje. It jout omtinken oan de ienling en de maatskippij. It rjochtet ús op it ferline yn skuldbelidenis en fermoedsoening en it is út op in nije takomst. As lêste bringt it sawol de moeting mei de Hear dy't syn gasten oan 'e tafel noeget as de moeting fan harren dy't tafelgenoaten binne, ûnder wurden.

Yn dizze Oanset ta de Earetsjinst binne tafelgebeden foar it fieren fan it Miel fan de Hear opnommen, dy't sawol yn 'e lutherske as de grifformearde tradysje, yn en bûten Nederlân, yngong fûn ha. Boppedat is gebrûk makke fan de skat oan gebeden fan oare, grutte kristlike tradysjes. Sa foarmje dy teksten in bân mei de brede oekumenyske tradysje, dêr't de tsjerken inoar yn it spoar fan it Lima-rapport aloan mear yn werkenne yn it fieren fan it Miel fan de Hear. Sawol de lutherske as de grifformearde tradysje yn Nederlân leit nei de tanksizzing, dêr't it tafelgebed mei út ein set, in klam op de direkte ferbining fan de ynstellingswurden mei it brekken en dielen. In pear tafelgebeden

folgje mei klam dat spoar. Yn oare gebeden binne de ynsettingswurden opnommen yn it gehiel fan it tafelgebed, dêr't mei likefolle klam de ienheid fan bidden en hanneljen by foarûndersteld is.

IT MIEL FAN DE HEAR – A

### Tafelgebed

It tafelgebed set yn mei in *twaspraak* dy't de toan fan 'e lofprizing oanjout:

- f. De Hear wês mei jim.
- a. En mei jo geast.
- f. Heevje jimme herten op.
- a. Wy binne mei ús hert by de Hear.
- f. Lit ús de Hear ús God tank bringe.
- a. Him komt ús tankberens ta.

Dizze twaspraak begjint mei de groet oer en wer en wurdt folge troch de oantrún *sursum corda*, 'de herten omheech', mei de oprop om de Hear te tankjen. Ut 'e twaspraak tusken foargonger en gemeente docht bliken dat hja byinoar hearre, no't de gemeente út namme fan 'e hiele skepping har der ta set om de Namme fan de Alderheechste te priizgjen. Yn 'e *tanksizzing* oan de Heit betinkt, ferkundiget, proklamearret en fiert hja syn grutte dieden yn skepping en ferlossing. Lofpriizgjende beneamt hja wat Hy de ieuwen lâns dien hat foar syn minskefolk. Wat fan syn kant yn Israel en yn Jezus Kristus foar ienkear en altyd bard is – heil foar alle minsken – dat jildt foar alle tiden. Dy tanksizzing, *prefaasje*, kin fariearje, al nei de tiid fan it jier of it eigene fan 'e dei.

### tekstfoarbyld

Jo komt ús tank ta,  
HEARE ús God,  
oeral en altiten  
troch Jezus, ús Hear.  
Want Jo hawwe ús skepen  
foar in libben fan leafde en lofsang;  
en doe't wy Jo loslieten,  
hawwe Jo ús fêsthâlden  
en weromroppen



fan in dearinnende wei.  
Jo hawwe ús befrijd  
út 'e macht fan tsjuster en dea  
en ús útsjoch jûn  
op in takomst fan ljocht:  
frijheid, frede, freugde  
foar alle minsken dy't Jo leaf ha.  
Dêrom, HEARE ús God  
jouwe wy ús by allegearre  
dy't Jo belide  
as de God fan har libben  
en sjonge wy Jo ta  
ús liet fan lof en leafde:

De lofsizzing rint út op 'e akklamaasje *Sanctus* en *Benedictus*, 'Hillich' en 'Heech te priizgjen is Hy dy't komt'. De lofsang foar Gods troan fan 'e gemeente yn 'e himel en op 'e ierde wurdt ferbûn mei it oanroppen fan Him dy't op in ezel ta syn folk komt en syn libben offeret. De ferbining fan Gods hege majesteit mei syn kommen yn needrigens is ien fan 'e hertsgeheimen fan 'e gemeente. Fergelykje ek de ferbining fan Kyrie en Gloria by de yntree fan 'e tsjinst. It Sanctus is al bekend yn 'e liturgy fan 'e synagoge. De tekst komt út Jesaja 6:3. It Hosanna út Psalm 118:25 wurdt yn Mattéus 21:9 ferbûn mei it ferhaal fan 'e yntocht op Palm-snein. Yn it Sanctus en Benedictus wurdt op hymnyske wize de eskatologyske spanning besongen, dy't mei dizze dûbele útrop belibbe en beliden wurdt. Hy dy't priizge wurdt, dy't kommen is en komt, is ek Deselde dy't komme sil; nei syn ferskinning yn hearlikheid mei de gemeente útsjen.

Hillich, hillich, hillich is de Hear,  
de God fan 'e himelske machten.  
Fol binne himel en ierde  
fan jo hearlikheid.  
Hosanna yn 'e hege himel.  
Heech te priizgjen is Hy dy't komt  
yn 'e Namme fan de Heare.  
Hosanna yn 'e hege himel.

It tafelgebed giet yngeand fierder mei it *oantinken fan Kristus*: syn wei en syn wurk, syn lijen, syn dea en opstanning.

*tekstfoarbyld*

Heech te priizgjen binne Jo, God, ús Heit,  
en heech te priizgjen is Jezus, dy't komt yn jo Namme.  
Want Hy is ta it uterste gien  
om ús foar Jo te behâlden.  
Hy hat foar ús út  
de trochtocht makke  
troch de ingte fan 'e dea  
nei de romte fan it libben.  
Sa is Hy ús hoeder,  
de bewarder fan syn folk.

Dat oantinken rint út op de *ynstellingswurden*. Dy steane yn it hert fan it tafelgebed. Biddend betinke wy dat ús nimmen, tankjen, brekken en dielen ús troch de Hear sels opdroegen binne de jûns foar syn lijen, en dat wy al dy dingen dogge ta syn oantinken. Sa wurde brea en beker oanwiisd as tekens fan syn offer. Hy, dy't oan 'e tafel ús Gasthear wêze wol, jout dêryn Himsels oan dy't sines binne en Him betinke wolle. As er de ynstellingswurden útsprekt, nimt de foargonger efterinoar brea en beker yn 'e hannen en hâldt dy wat omheech.

*tekstfoarbyld*

Hy hat yn 'e nacht dat Er oerlevere waard  
it brea nommen,  
dêr de tanksizzing oer útsprutsen,  
it brutsen en oan syn learlingen jûn  
en sein:  
Nim en yt,  
dit is myn lichem, dat foar jimme jûn wurdt,  
doch dit ta myn oantinken

Sa hat Er ek de beker nommen,  
dêr de tanksizzing oer útsprutsen,  
him omjûn  
en sein:  
Drink hjir allegearre út,  
dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn  
bloed,  
dat foar jim en foar gâns minsken fergetten wurdt

ta ferjouwing fan sûnden.  
Doch dit, sa faak as jim dy drinke,  
ta myn oantinken.

De ynstellingswurden kinne útrinne op in akklamaasje fan 'e gemeente, dêr't it eskatologysk útsjoch fanwegen de dea en de ferrizenis fan ús Hear yn besongen wurdt.

*tekstfoarbyld*

Syn dea betinke wy,  
syn opstanning belide wy,  
syn takomst ferwachtsje wy.  
Maranata.

Yn it betinken fan 'e ynsetting jout it klearrichheid dat it oanbringen fan ús jeften fan brea en wyn allinne mooglik is as in tankoffer troch, mei en yn Kristus. 'Sa is de eucharisty in teken fan wat de wrâld wurde sil: in offerjefte en lofsang oan de Skepper, in wrâldomfiemjende mienskip yn it lichem fan Kristus, in keninkryk fan gerjochtichheid, leafde en frede yn de hillige Geast' (Lima-rapport, Eucharisty, nr. 4).

*tekstfoarbyld*

Byinoar om Him te betinken,  
komme wy ta Jo, o God,  
mei dit brea en dizze beker  
en wy bidde Jo:  
betink it offer fan de Soan fan jo leafde  
en nim ús offer fan lof en tank oan.

De hiele fiering fan it Miel fan de Hear hinget ôf fan it wurk fan de hillige Geast. Dat wurdt ta útdrukking brocht yn *it oanroppen fan de hillige Geast*, de epikleze. Yn 'e lutherske tradysje komt gjin aparte epikleze foar yn 'e tafelgebeden. It wurd fan 'e belofte moat it dwaan. Yn 'e grifformearde tradysje leit dat oars. It gebed om de hillige Geast nimt dêr in sintraal plak yn. Yn it âlde nachtmielsformulier wurdt bidden: 'wol yn dit Nachtmiel, dêr't wy it kostber oantinken fan 'e bittere dea fan jo leave Soan Jezus Kristus yn ûnderhâlde, troch jo hillige Geast yn ús herten teweech bringe,

dat wy ús mei ynmoedich betrouwen wat langer wat mear oerjouwe oan jo Soan Jezus Kristus. Lit sa troch de krêft fan de hillige Geast ús beswierre en fersleine herten spiizge en lave wurde mei syn wiere lichem en bloed, ja mei Himsels, wier God en minske, it ienige himelske brea’.

De opfettings oangeande de fraach oft it oanroppen fan de hillige Geast sawol de eleminten fan brea en wyn oangiet of allinne de mienskip fan ’e leauwigen, wurde yn it Lima-rapport ferienige: ‘Troch it libbene wurd fan Kristus en yn ’e krêft fan de hillige Geast wurde brea en wyn de sakramintale tekens fan it lichem en bloed fan Kristus’ (Lima-rapport, Eucharisty, nr. 15). Brea en wyn binne tekens fan in nije skepping yn Kristus. As de tsjerke bidt: ‘Kom, hillige Geast, fernij de hiele skepping’, dan mei dat ek jilde foar it brea en de wyn as earstelingen fan ’e skepping, mar ek foar de mienskip: ‘De tsjerke as mienskip fan it nije ferbûn ropt fol betrouwen de hillige Geast oan, dat hja hillige en fernijd wurde mei, en laat wurde mei yn alle gerjochtichheid, wierheid en ienheid, en dat hja de krêft ûntfange mei om yn dizze wrâld datjinge te folbringen dêr’t hja ta útstjoerd wurdt’ (Lima-rapport, Eucharisty, nr. 17).

### *tekstfoarbyld*

Stjoer, bidde wy, jo hillige Geast  
oer dizze tekens fan brea en wyn  
en oer ús hiele mienskip;  
dat sadwaande yn ús groeie mei  
de fêste hope op in takomst  
dy’t gjinien ús ûntnimme kin.

Njonken de akklamaasjes yn it tafelgebed, dy’t it mienskipskarakter dêrfan ûnderstreekje, freget de mienskip fan ’e leauwigen, oars sein de mienskip fan ’e hilligen, apart omtinken. De gemeente fiert mei de tsjerke fan alle tiden en plakken, himelheech en wrâldwiid. De foarbea en de ynsamling fan ’e jeften foar de minskemienskip binne dêr al sinjalen fan. Yn it tafelgebed mei ek romte wêze foar dy ferbûnens dy’t oer alle grinzen hinne rikt. Wy belibje dy ferbûnens troch allegearre dy’t ús yn it leauwe foargien binne, te betinken en te bidden foar dy’t ús op ’e noed jûn binne.

### *tekstfoarbyld*

Wês mei ...  
en bring ús gear mei allegearre  
dy't ús foargien binne,  
dy't ús leaf wienen  
en dy't wy ferlieze moasten ...  
mei de hilligen fan namme  
en allegearre dy't al lang fergetten binne,  
jo hiele minskefolk,  
noege oan jo miel.

It tafelgebed rint út op in passaaasje oer de ferwachting fan Gods keninkryk, dy't it karakter fan in lofprizing hat. Dy lofprizing is om sa te sizzen it hichtepunt fan it tafelgebed. It útsjoch op 'e takomst lit sjen, hoe wiid oft de fiering fan it Miel fan de Hear rikt. Oan 'e iene kant hawwe wy no al diel oan dy takomst, oan 'e oare kant is it der in foarsmaak fan.

### *tekstfoarbyld*

Lit jo keninkryk komme,  
hjr yn ús fermidden,  
God ús Heit,  
heech te priizgjen is jo Namme,  
salang't der dagen binne,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.

It tafelgebed wurdt altyd ôfsletten mei de akklamaasje fan 'e gemeente:

Amen.

### **De mienskip fan brea en wyn**

It *Gebed fan de Hear* foarmet de ynset fan it brekken en dielen fan brea en wyn. Dat gebed kin jilde as kearn en oriïntaasje fan alle tafelgebedens. Fuort oanslutend oan dat gebed wurdt dan ek it brea brutsen en de wyn útgetten.

De mienskip fan brea en wyn kin ynlaat wurde mei de *fredegroet*, as dy noch net wiksele is by de noeging ta it Miel fan de Hear.

Wylst it brea brutsen en de wyn útgetten wurdt, wurdt it *Laam fan God* songen (eventueel salang't dy hannelingen duorje).

Laam fan God, dat de sünden fan 'e wrâld weinimt,  
úntfermje Jo oer ús.

Laam fan God, dat de sünden fan 'e wrâld weinimt,  
úntfermje Jo oer ús.

Laam fan God, dat de sünden fan 'e wrâld weinimt,  
jou ús de frede!

As it brea brutsen en de wyn útgetten is, klinkt nochris in  
noeging:

Lokkich dy't noege binne  
op it brulloftsmiel fan it Laam.

Dy noeging kin folge wurde troch in gebed fan 'e gemeente:  
Hear, it komt my net ta dat Jo by my komme,  
jou mar in befel, dan sil ik better wêze.

By it dielen fan brea en wyn wurdt elk persoanlik oansprut-  
sen.

Dy't it brea útdielt, seit:  
It lichem fan Kristus, jûn foar jo.

Dy't it oannimt, seit:  
Amen.

Dy't de wyn útdielt, seit:  
It bloed fan Kristus, fergetten foar jo.

Dy't it oannimt, seit:  
Amen.

Wylst brea en wyn útdield wurde, kin in liet songen wurde  
of muzyk makke.

### **Gebed nei it Miel**

As ôfsluting fan 'e mienskip fan brea en wyn kin in gebed  
sein wurde, dat in skeakel foarmet tusken it Miel en it  
útstjoeren.

#### *skaaimerken fan it gebed*

- der wurdt mei klam ferwiisd nei de jeften;
- it hat deselde tanksizzende toan as de lofprizing yn it  
tafelgebed;
- der wurdt bidden om de fruchten fan it mei-oangean  
(libbensfernijing);
- it gebed doelt op it útstjoerd wurden yn 'e wrâld en  
bout dêrmei fierder op 'e epikleze;
- yn it gebed mei it tiideigene trochklinke.

### tekstfoarbyld

Wy tankje Jo, Hear,  
foar de jeften dy't wy fan Jo krigen ha.  
Fersterkje yn ús de Geast fan jo Soan  
dy't ûnder ús kommen is om jo wil te folbringen  
en meitsje fan ús syn neifolgers,  
hjoed en al ús dagen  
oant yn alle ivichheid.

a. Amen.

De lutherske en de grifformearde tradysje brûke as klassike tanksizzing Psalm 103. Dat gebed wurdt, yn neifolging fan 'e lutherske tradysje, ynlaat mei de oprop út Psalm 118:

Tankje de Hear, want Hy is goed. [Halleluja.]

a. Ja, ivich duorret syn geunst. [Halleluja.]

### UTSTJOERING EN SEGEN

Utstjoering en segen binne nau mei-inoar ferbûn. As beslút fan 'e tsjinst sil de útstjoering koart en krêftich wêze. It nedige is ommers al sein en dien.

Hjir kin, as dat noch net earder yn 'e tsjinst dien is, in koarte bewurking fan 'e Tsiën Wurden as bemoediging en oantrún brûkt wurde. Dit plak freget om in koarte gearfetting yn belidende styl. De gemeente hat niiskrekt yn wurd en teken Gods takomst fierd. Utstjoerd yn 'e wrâld, ûnthjit hja har dêrfoar yn te setten.

Utstjoering en segen steane ek yn it teken fan 'e lofsizzing. Dat kin – yn 'e trant fan 'e lutherske tradysje – sa ta útdrukking brocht wurde:

Gean hinne yn 'e frede fan de Hear.

a. Lof en tank oan God!

De útstjoering wurdt bekrêftige mei de segen, bygelyks de Aäronityske segen (Num 6:24-26) of de apostoalyske segen út de brieven fan Paulus (2 Kor 13:13). De gemeente seit of sjongt dan: Amen.

Foarôfgeand oan 'e segen wurdt yn 'e grifformearde tradysje in *einliet* songen. Dat kin ek nei de segen.

*Nederlânske grifformearde tradysje*

By de betsjinning fan it Nachtmiel yn 'e grifformearde tradysje geane ûnderwizing en gebed hân yn hân. Dy tradysje kin faaks it bêste typearre wurde as in 'learende fiering'. Dy wize fan fiering fynt syn oarsprong yn 'e nachtmielsoarders sa't dy groeid binne yn 'e kalvinistyske en lutherske tradysje. It nachtmielsformulier fan 'e grifformearde tradysje yn Nederlân is in mingfoarm fan ûnderskate ynfloeden. It formulier, lykas dat yn 'e herfoarme en grifformearde tsjerken yngong fûn hat, is ûntliend oan de tsjerke-oarder fan de Pfaltz. Petrus Datheen makke de Nederlânske oersetting fan it formulier foar de flechtlingegemeente yn Frankenthal. Dat formulier giet werom op trije boarnen: foarst Kalvyn (der bestie in drokke skriuwerij tusken teologen fan de Pfaltz en Kalvyn), twad de liturgy fan 'e Nederlânske flechtlingegemeente yn London (Marten Micron) en tred de Lutherske Agende fan Württemberg út it jier 1533.

It is yn dat nachtmielsformulier in typysk skaaimerke fan 'e grifformearde tradysje, dat tusken de ynstellingswurden en de tafelmienskip it selsûndersyk, it weromwizen fan 'e dôfhûdigen en de ferkundiging fan Gods genede in plak krigen hat. Yn it selsûndersyk giet it om de trijedieling: ellinde, ferlossing en tankberens. It hat as doel dat de leauwigen harsels 'rjocht hifkje' en it Nachtmiel brûke as oantinken oan Kristus. It weromwizen fan 'e dôfhûdigen – mei in sûndekatalogus – slacht op harren dy't iepentlik yn sûnde libje. Al sûnt it ferskinen fan it *Dienstboek in ontwerp* fan de Nederlânske Herfoarme Tsjerke yn 1955 is de fraach steld nei in oersetting fan dy sûndekatalogus nei ús hjoeddeiske maatskiplike ferhâldings. Dat is wichtich, mei't yn de sûndekatalogus it tige belangrike elemint fan 'e tucht ta utering komt. It Nachtmiel jout stjoer en hâld yn it libben. De sûndekatalogus fan it nachtmielsformulier is in aktualisearring fan 'e Dekalooch foar de konkrete libbenssituaasje yn 'e sechtjinde ieu. Dat ropt de needsaak op om dit ûnderdiel fan it nachtmielsformulier op 'e nij te aktualisearjen, mar no te pas makke op ús hjoeddeiske libbenssituaasje. Dat is namste mear nedich, sille de oerlevere formulieren as libben erfgoed



ferstien wurde kinne en funksjonearje. Yn dizze oanset fan it Tsjinstboek wurdt dêrom it grifformearde nachtmielsformulier opnommen, mei in bewurking fan 'e sûndekatalogus sa't dy no al sûnt in moai tal jierren yn in wide rûnte fan herfoarme-grifformearde gemeenten funksjonearret. Dy is bekend wurden as de 'ferzy Harmelen-1977'.

It nachtmielsgebed, dêr't de belidenis fan it leauwe as in ûnderdiel fan it gebed yn opnommen is, fynt plak nei de ûnderwizing en fóar it mei-oangean. It is in gebed om de wurking fan de hillige Geast, dy't ús ferienet mei it wiere lichem en bloed fan Kristus '...ja mei Him, wier God en minske'. It bestiet eins út twa lange sinnen dêr't yn bidden wurdt om de spiziging mei it iennichste himelske brea Jezus Kristus en de krêft (troch dat iten) om it krús op jin te nimmen en de oerwinning te ferwachtsjen.

De taal fan 'e ûnderwizing is liturgyske taal, om't de kategeze yn it spoar fan 'e tsjerklike tradysje ferstien wurdt as it gean fan 'e wei fan it leauwe. Sjoch dêrfoar wat yn 'e paragraaf oer it liturgysk jier stiet oangeande de Fjirtichdagetiid en de Peaskewacht. Dat komt ûnder mear ta utering yn it part fan 'e ûnderwizing oer de ienheid fan 'e tsjerke yn Kristus. Oant op in hichte wurdt yn it formulier fan de Pfaltz foarútgrypt op de feriening fan tsjerken fan reformatoaryske sinjatuer troch inkelde passaažjes te ûntlienen oan in lutherske *Agende*. It giet hjir om it stik 'Underwizing oangeande de Ynsetting', dat begjint mei de wurden 'Dat wy no fêst leauwe soenen...' en rint troch oant en mei de sin: 'Mei de almachtige God en Heit fan ús Heare Jezus Kristus ús dêrta helpe troch syn hillige Geast'. De lutherske *Agende* jout in útlis fan 'e wurden fan 'e ynsetting, dy't suver krektsa oernommen binne troch de Pfaltz mei in oantrún ta bruorreleafde. Dy tekst rint sa:

Want lykas út withoefolle nôtkerlen ien moal meald en ien brea bakt wurdt, en út withoefolle druven gearparse, ien wyn en drank rint en him mingt, sa sille wy allegearre, dy't troch it wiere leauwe Kristus ynplante binne, troch bruorreleafde, om 'e wille fan Kristus, ús leave Sillichmakker, dy't ús yn it foar sa bysûnder leafhân hat, allegearre mei-inoar ien lichem wêze en dêr net allinne mei wurden, mar ek mei de

died inoar de bliken fan jaan. Dêrta mei de almachtige God en Heit fan ús Heare Jezus Kristus ús helpe, troch syn hillige Geast. Amen.

Dy symbolyk oangeande ienheid fan 'e tsjerke yn 'e fiering fan it Nachtmiel is ûntliend oan de Didachê (It ûnderrjocht fan 'e Apostels, in âld-kristlik geskrift út it begjin fan 'e twadde ieu):

Wy priizgje Jo, Heit, fanwegen de hillige wynstôk David, jo tsjinstfeint, dêr't Jo ús diel oan jûn hawwe troch Jezus, jo tsjinner.... Lykas dit brea dat wy brekke, oer de bergen ferstruid wie en gearbrocht waard en ien wurden is, bring sa jo gemeente byinoar yn jo Ryk, fan 'e úteinen fan 'e ierde.

It is dy symbolyk dy't wy ek oantrefte by de tsjerkfaar Augustinus. Utgeande fan 1 Kor 10:17 seit er yn in preek:

Hoe machtich wy ek binne, allegearre binne wy ien lichem, ien brea... Ien inkeld lichem, dat út in mannichte gearstald is. Betink dat it brea net út ien nôtkerl, mar út in grut tal kerlen makke wurdt... Wat de drinkenstsjelk oanbelanget, betink bruorren, hoe't de wyn makke wurdt. Der hingje gâns druven oan in strús, mar it sop dat út al dy druven rint, giet yn in ienheid op... (*Sermo* 272 en 234).

It útdielen en de kommuny wurde ynlaat mei it *sursum corda*, 'de herten omheech' út 'e brede tradysje fan 'e tsjerke. Yn 'e grifformearde tradysje leit de klam derop dat it ferhearlike lichem fan Kristus yn 'e himel is. De Heidelberger Kategismus seit yn Snein 18 dat Hy, wat syn minsklike natuer oanbelanget, net mear op 'e ierde is. De liturgyske konsekwinsjes dêrfan komme oan 't ljocht yn 'e wize dêr't it 'de herten omheech' op formulearre wurdt:

Sille wy spizige wurde mei it wiere, himelske brea Kristus, lit ús dan net oan 'e uterlike tekens fan brea en wyn hingjen bliuwe, mar ús herten opheevje yn 'e himel, dêr't Jezus Kristus is, ús Foarsprekker oan 'e rjochterhân fan syn himelske Heit. De artikels fan ús kristlik leauwe wize ús dêr ek hinne. En lit ús net twivelje, dat troch de wurking fan de hillige Geast ús sielen like wier spizige en lave wurde mei syn lichem en bloed, as wy it hillige brea en de hillige drank ûntfange ta syn oantinken.

De wurden fan 'e útdieling hâlde har oan 1 Kor 10:16, 17:

It brea dat wy brekke is de mienskip mei it lichem fan

Kristus. De beker fan 'e tanksizzing, dêr't wy de tanksizzing oer útsprekke, is de mienskip mei it bloed fan Kristus.

Dêr wurde de wurden oan tafoege dy't Micron yn 'e Londenske gemeente brûkte:

Nim, yt, betink en leau, dat it lichem fan ús Heare Jezus Kristus yn 'e dea oan ('e galge fan) it krús oerlevere is ta ferjouwing fan ús sûnden.

Nim, drink dêr allegearre út, betink en leau, dat it bloed fan ús Heare Jezus Kristus útstoart is oan ('e galge fan) it krús ta ferjouwing fan ús sûnden.

It formulier fan de Pfaltz, sa't dat yn 'e Nederlânske grifformearde tradysje ynboargere is, hat in tige irenysk karakter, mei't it ek yn jûn is troch de gastfrijens dy't de flechtlingegemeente yn Frankenthal yn 'e lutherske Pfaltz krige. It fertsjinnet dêrom in eigen plak yn dy gemeenten dy't de klamlizze op 'e fiering fan it Nachtmiel as ferinerliking fan 'e wei fan it leauwe. Mar likegoed fertsjinnet it omtinken yn it ûnderrjocht fan alle gemeenten, om't dat formulier ûnmisbere kanten fan 'e tradysje fan it leauwe nei foaren bringt op in wize dy't leauwe en libben mei-inoar ferbynt. Dêrom is dit 'libbene erfgoed' yn dizze oanset fan it Tsjinstboek op 'e nij opnommen.

#### *It nachtmielsformulier fan Kalvyn*

Om dyselde reden wurdt it nachtmielsformulier fan Kalvyn opnommen. Doe't hy yn 1542, nei in pear jier Strassburg, yn Genève weromkaam, joech er oan de gemeente dêre, njonken it psalmboek mei de lofsangen (cantica) ek liturgyske oanwizings en formulearrings, dêr't er yn Strassburg ek oan wurke hie. Dêr wie ek in oarder foar de fiering fan it Nachtmiel by. Dy is, sa't earder al beskreaun is, ien fan 'e boarnen wurden foar ferskate lettere oarders en formulieren, lykas de Nederlânske.

De nachtmielsliturgy fan Kalvyn hat mei sin in oergong fan 'e ferkundiging nei it Nachtmiel. Nei de preek wurdt earst foarbea dien, folge troch in parafrase fan it gebed fan de Hear. Dêrnei komt de belidenis fan it leauwe en wurde brea en wyn op 'e tafel set. Dan giet de foargon-

ger nei de tafel en lêst de ynstellingswurden út 1 Kor 11. Dêrnei folget de ûnderwizing mei as ynset – krekt as yn it Nederlânske grifformearde formulier – de *excommunication*, it weromwizen fan ôfgodstsjinners, de ferachters fan God, de skuormakkers dy't troch sekten te stiftsjen de ienheid fan 'e tsjerke tebrekke, allegearre dy't in falske eed dogge, ensafuorthinne De list wykt net folle ôf fan dy yn it Nederlânske formulier. Der is lykwols ien net ûnbelangryk ferskil: dêr't it Nederlânske formulier nei de ynstellingswurden begjint mei it selsûndersyk en dan de weromwizing, begjint Kalvyn mei it lêste. Dan ropt er op ta selsûndersyk, dat er fierders yn deselde alinea ferbynt mei de oantrún om te fertrouwen op Gods barmhertichheid. Ynstee fan 'e oarspronklike sûndekatalogus is hjir keazen foar de earder neamde 'ferzy Harmelen -1977'.

De ûnderwizing set yn mei in oprop fan it gewisse: 'Lit ús dan allegearre dwaan dêr't Paulus ús ta oantrunet: ús gewisse ûndersykje en neigean, oft wy wier berou hawwe oer ús sûnden en misstappen, oft wy wier langst hawwe om tenei hillich en nei Gods wil te libjen, en boppe alles: oft wy fertrouwe op 'e barmhertigens fan God en it heil allinne sykje yn Jezus Kristus en oft wy ree binne om ôf te sjen fan alle fijânskip en wrok en de wil en de moed hawwe om yn ienriedigens en leafde mei ús neisten te libjen.

Nei dy noeging folget de oprop om 'ús herten op te heevjen nei Jezus Kristus yn 'e hearlikheid fan syn Heit, dêr't wy Him wei ferwachtsje ta ús ferlossing. Dêrom moatte wy ek net hingjen bliuwe oan dizze ierdske en fergonklike eleminten dy't wy foar eagen ha en mei de hannen oanreitsje, as soenen wy Him dêr sykje moatte, besletten yn brea en wyn'.

De fiering wurdt fuortset mei it Gebed fan de Hear en it mei-oangean. Nei de kommuny folget de tanksizzing: 'Himelske Heit, wy priizgje en tankje Jo, dat Jo sa'n grut goed skonken hawwe oan ús, earne sûnders, en dat Jo ús diel jûn hawwe mei jo Soan, Jezus Kristus, ús Hear...'

De tsjinst wurdt besletten mei de segen.

### *Oanset ta in learende oarder*

Ut de opdracht om de mear 'learende' en 'fierende' oarders

mei-inoar yn ferbining te bringen, is in nije nachtmielsoarder ûntstien. Yn dy oarder wurdt op trochsichtige wize de wei fan it Nachtmiel folge, sa't Kristus dy mei syn learlingen neffens de evangelisten Mattéus, Markus, Lukas en de apostel Paulus gien is. By dy oarder wurdt de ienheid fan 'e tsjinst fan 'e hillige Skrift en it Miel fan de Hear ûndersteld. Dat betsjut ûnder mear dat de skuldbelidenis al oan it begjin fan 'e tsjinst syn plak fûn hat. As der ek ferlet is fan in wiidweidiger ûnderwizing, kin dy plak fine yn 'e preek (sa binne de formulieren ek ûntstien).

De kearnwurden foar dy nachtmielsbetsjinning wurde oanrikt troch it ynstellingsferhaal sels, te witten: nimme – tanke – brekke – diele.

De fiering begjint mei in útnoeging en ûnderwizing dêr't de betsjutting fan it Miel fan de Hear yn oanjûn wurdt. Oan trije kanten wurdt benammen omtinken jûn: de opdracht fan Kristus: 'Doch dit ta myn oantinken', it profetysk fizioen fan it freugdemiël foar alle folken fan 'e ierde en it Nachtmiel as teken fan Gods keninkryk.

De jeften dy't ynsammele wurde en de jeften fan brea en wyn steane mei-inoar yn ferbân. Kalvyn hat it dêrby oer 'hillige jeften en offers', dy't foar de fiering fan it Nachtmiel ynsammele wurde. It binne likefolle tekens fan Gods soargjende leafde foar ús.

Yn it ynstellingsferhaal wurdt de opdracht jûn om te dwaan wat de Hear dien hat. Yn dat spoar wurde no de jeften nommen en wurdt de tanksizzing dêroer útsprutsen. De wurden dy't dêrfoar oanrikt wurde, binne ûntliend oan de Didachê. It is de âldste segenbea oer brea en wyn yn 'e kristlike tradysje. Segen en lofprizing foarmje de ynset fan al ús bidden. It gebed hat syn woartels yn 'e Joadske earetsjinst. Ut dy tanksizzing komt it ta de bea om de hillige Geast en, as dat winske wurdt, ek inkelde foarbeaen. It Gebed fan de Hear beslút de gebeden en is tagelyk de ynset foar it brekken en dielen fan it brea en de wyn. It Gebed fan de Hear jildt as nachtmielsgebed by útstek: '...jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou ús ús skulden, sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe...'

Yn oansluting op it Gebed fan de Hear wurdt it brea brutsen en omdiel mei de wurden fan apostel Paulus út 1 Kor 10:16, 17 en as men dat wol, útwreide mei de wurden fan Micron: ‘Nim, yt, betink en leau...’

It brea, dat wy brekke,  
is de mienskip mei it lichem fan Kristus.  
[Nim, yt, betink en leau,  
dat it lichem fan ús Heare Jezus Kristus  
brutsen is ta in folsleine fersoening fan al ús sûnden.]

De beker fan 'e tanksizzing,  
dêr't wy de tanksizzing oer útsprekke,  
is de mienskip mei it bloed fan Kristus.  
[Nim, drink dêr allegearre út,  
betink en leau, dat it kostber bloed fan ús Heare  
Jezus Kristus fergetten is ta in folsleine fersoening  
fan al ús sûnden.]

Mei de tanksizzing en de segen wurdt de tsjinst fan de Skrift en it Miel fan de Hear besletten.